



# De sparpot : teltjes for 't fölts

<https://hdl.handle.net/1874/234021>

Afgedrukt voor  
Oudgermaansche Talen

F C-ZZ-l-b

# DE SPARPOT.

## TELTJES FOR 'T FOLTS

TRÖCH

K. A D A M A.



ST. ANNA PAROCHIE,

J. KUIKEN JZN.

1875.

mm 10490

BIBLIOTHEEK UNIVERSITEIT UTRECHT



2870 586 5

7C-22-1-6  
ACA 542 (5005)

# DE SPARPOT.

---

## TELTJES FOR 'T FÖLTS

TRÖCH

K. A D A M A.

Oudgermaans

aan de Rijksuniversiteit


te Utrecht

BIBLIOTHEEK DER  
RIJKSUNIVERSITEIT  
**UTRECHT**

ST. ANNA PAROCHIE,

J. KUIKEN JZN.

1875.



## O a n d e L è s e r.

---

*Elts, dy dit boekje in 'e hânnen kriget, in derop stean siucht: „De Sparpot” of Tryë »Teltjes for 't Fôlts“ scil wol tinke: Hwet betsjut dat? — hwet matte dy? — hwerta kinne dy broekt wurde? Dat scil 'k jimme sisse frieunen.*

*In de tiid dy 'k sa twiskenbeiden oer ha, bin 'k wol reis oan 'e gong, om dit in dat byinoare to skrieuen for gearkomsten in winterjûnen in sa hwet hinne. Om as dit wûrk oan diss' tiid ta jit altidlein hawt krekt as jild in 'e sparpot, in egentlik gjin rente died, derom tocht my moast dit de wrald mar reis in. No is 't dérom net allenne, né, my tinkt hjea binne net únear dich om jit sa reis broekt to wurden as ik hjir boppe sei, of to tsjinjen op 'n winterjûn in 'e hûws, as wij mei noar om 'e kagchel sitte.*

*Dat is net únear dich, in kin sin nut ha. — Sa keam 'k op 't tinkbield om dy oer to skrieuen in printje to litten.*

*Net, öm 'r sökke dingen just brek binne, mar as 'r hwet goeds in sit, my tinkt, dat mei wol oan 'e man. Dög mar lik as de By: Sûch de hûning 'r uwt, in lit 't oar bliuwe for 't jinge 't is.*

*Dat dit boekje goed to wrald tsjen — in sin nut ha mei, dat is de hertewinsk fen*

Bitgum, Simmermoane, 1875.

De Skrieuwer.

## **I n h a l d.**

---

1. HEITENÙWD IN FRYËRSLIST.
2. TO IER OF TO LET.
3. DER SIT DE KNOOP.
4. TAJEFT ïN RJDSELS.

## Heitenûwd in Fryërslist.

---

As min de wrald nimt sa hjea liket, den is allens al moai aerdich ïn 'e heak; den glimt 'et allegjerre as sïde of blinkt as goud. Neane is folle jermoed to sjen, -- neane stïket fölle kwaed efter, — de iene hawt allens for d' oare oer, — nimmen wol in oar sïne's ha, — elts is warber in docht 'et om in stikje brea, in is dermei tofreden, — hwer in oar docht sïn best, net allenne for him sels, mar wol forâl om sïn mei minsken, — in den heart min hwer fen 'n helpende hân dy immen uwt mei-lyën nei Amearika trûnet mei'n hûndert goune of hwet fen 'n stikmennich woldweande lju ïn 'e busse, om sa de jerm-falds-kas for him op 't slot to drayen, in hwer 'n man, — ek ien mei 'n hert ïn 't liif, — skept him om-trint dead by nacht in by dei, om dogs mar for 't algemien belang to weitsen, -- in sa mennich skrandere kop brekt sïn nachtrêst in forbarnt olie, om mear liocht under 'e minsken to bringen, der tagelik op 'n oar plak hwer kreund in weind wurdt oer 't jinge de minsken wol to koart sjitte ïn hjar dwaen in litten, hwerom 'er jamk truchwiete bûwsdoeken makke wurde om sa'n broêr of sister op 't goede pead to halden, of, as 't oas net kin, truch goed dwaen to twingen; 't is mar: „broêr jow my de hân.” O man, hwet is 't den allegjerre fiks en ruwn!

Wolno, sa is de wrald onmers ek! 'k Wit wol, by uws alte masters wieren 'r jit hoeken in einen oan, mar dat is uws letter al oas ñn 't ear knowte!

Ja, dat 's ek wier, mar der ha wy 't no egentlik net mei to dwean.

As min 't wird „wrald“ neamt, den kin min der ñn 'e earste pleats ûnder forstean 't „Hielal,” dat wol sisse: de ûnbiedige romte hwerfn miljoenen fen sinnen in planeten hjar roundraaye, in hwertrach de kommeten of stuwtstjérren fleane, quartom: dy ûnbegriplike skepping hwerfen uws jirdbol mar 'n ûnnoasel lits stipke is, -- dy ïdele romt' hwerby uws forstân soeset in stil stjit, — hwerfn uws tinken ophaldt lïkme-allinne om 't ein 'r fen hwei is!

In 'e oarde pleats nimme wy 't wird „wrald“ mear ñn nower beteikenisse, to sissen: den miene wy dermei allinne uws jirdbol hwerop wy weinje, mar op gjin ien fen twaén ha wy no 't each.

't Gjit mei 'n hiele bulte wurden ek al krekt as mei'n hopen minsken, min kin se net altid oannimme for hwet hjae lïkje, mar tsjinje neiér besjûn to wurden in den komt min 'r easrt goed efter!

Sa gjit et hjur mei 't wird wrald ek. — Sa as wy 't hjur brûke, ha wy de greate meatskippy — of liouwer de minsken ñn 't algemien der mei op 't each. — Dat hjit den urdrachtlik. — Sa sprekt min wol fen de *graete* wrald, — oer sûne tinkbielden, — fen tsjistere dingen in liocht ûnder 'e minsken, fen 'n heege treppen in kasstielen ñn 'e loft, — oer foar- in efteruwtgong, — fen op sîn eare — of op sîn stik stean, of fen 't soer aan dit of dat to habben, — of immen op hânnen to dragen of de soalen

uw't 'e skoén to tsjinjen ; — ek wol : fen eltsoar ouw to hingjen — fen oan in oar' keppeljen, — of dy of dy sîn foêtstappen to printsjen, — of 'n skoartel 'r foar to striken, — of min praet 'r fin om immen in koal to stoven, — ïn 'e tsjillen to rîdeu, — of ïn 't farwetter to sitten, — in sa mear.

Den wurd़t : 'et seal to heech litsen , of 'et gjit fen 't boppest' boardsje of min praet fen hînders dy forkeard for 'e wein slein binne, fen strûpen in sny  n, — of mei 't efterst ïn bâterfet fallen, — fen dy et tichst by 't fioer sit, dat dy him et measte warmt, — of de piip uwetrookt, — oer koalforkeapjen , — beplasterjen , — for master op-slean, — under 'e pantöffel sitte, — de broek oanhaffen, — as stokdweil to tsjinjen, — in fügel ïn 'e kow, — gjin potsje to brekken, — de foet by de kûle to halden, — dwesse kneppels to smîten, — ïn 't swit to sitten, — fen blo  ds  gers in jird-woarmen , — ouwdwealde skiep in hoeders fen 'e kudde, — oan swakkens fen 't flesk, — et rinnen op 'n breede of smelle wei, — et liocht ïn 'e siele in balsem for 't hert, in sa mar foart.

Min kin 't net laeuwe hwet 'er net al brûkt wurd़t, hwet net letterl  k forstien wurde mat.

Wy sjugge 't: Wy hoege'r net for ïn 'e East of ïn Kana  n te w  sen om de bieldspeak to learen ; der bin' wy sa r  k al ïn dat 'n hiele bulte bin' 'r hast mei l  ns hwet wier of net wier is !

No, 't is ek om 'r ïn hwei to wurden !

Min mat hast wol 'n kop ha as 'n dominy of 'n brein as 'n abbekeat om 't allegjerre goed uwtinoarre to balden.

Dat sei *Likle Kroles* ek , do hy 'n brief fen sîn team kr  ge : „De d  vel mei 't begripe, mar ikke net !”

Ik neamde der Lîkle in sîn feam is 't net wier. Kom-oan, ik ha jimme ïn 'e droom holpen in derom matte wy der hwet mear fen witte oas net ?

't Tsjinnet den wol, dat jimme foarouw witte, dat wy 't mei twa formilje's kryë to dwaen : to sissen mei dy fen *Risper* in de formilje *Langhout*.

---

Lîkle Risper wier in ienigst bern. Hy wier de soan fen *Krolis Risper*, in man, dy al jirren efterien to Griendterp sîn dommecâlie hân hie, sa dat in hopen mienden dat 'er in Griendterpster wier. Dat wier oas 't gefal net, né, hy wier ien fen Tsjalbird.

Sîn soan, Lîkle skûteboer, om, sa woar hy ïn 'e wandeling al folle neamd, wier to Appelsgae to wrâld tein, krekt op 'n tiid dat sîn heitinhjarre der mei de skûte leiën om turf to heljen.

As 'r der oer prætte, dat er gjin Griendterpster wier, den liet Lîkle 'r al folle op falle : 'k hie wrîchtich wol 'n Drint wêse kind, as uws skûte do mar op 'e Ridserlein hie.

't Like wol, dat hy 'er 'n eare ïn stelde, dat 'r dogs jit in Fries wier.

No, derin stjit 'er lang net allinne. Hjir, ûnder uwsen, bin' ek genôch, dy wol greach witte wolle dat hjae Friesen binne !

Dat is oan d' iene kaont hwet lits, mar oan d' oare ek al hwer net.

Né, de namme ten Fries klinkt fier, in kin truch alle tiden hinne mei eare neamd wurde, as wy dy boeken mar

reis truch-bledsje hwer hjar aerd in beskrieun wurdت ; as wy mar reis neisjugge ho fol moed en kreft hjae altd wieren in truch alle wederwarichheden hinne hjar alde namme jit ta uws tiid ta wisten to biwarjen.

Lits is 't, der op to pogchen as 'n gek mei'n heech geblies om op sa'n meneare leech op oaren del to sjen , dy uws hoekje net beweinje.

Né, as elts betinkt hwet in minske in wierheid 't eabelst' makket, den is dat, ho immen ek hjiitte mei : de earbarheid fen séden in 'n snieblanke inboast , hwerfen allens ouwhinget !

Mar komoan wy blieuwe sa net by uws stik. — 't Is no al forskate jirren lén, oer 't jinge wy no prate wolle.

Wy matte uws forpleatse in 't jier 1826. In dat selde jier stoarren de minsken as hounen in katten , in wier Líkle sín heit 'r ek ien fen dy truch dy sítke oanteast woar , in in de fleur fen sín libben disse ierde forlitte moast.

Hy leit to Grienderp op 't tsjerkhôf.

De man wier wid'ner do hy stoar, hy huwsmanne mei 'n feam, sadwaende blieuw Líkle as jonge fen 12 jier allenne oer. No wier dy jonge al hwet oanklowd scoe min sisze, mar dat wier sa slim net minsken, as 't wol lîke.

In glûd ny skip lei for 'e waol , der gjin sint fen op skead wier ; hjae wennen in hjar eigen hûws mei 'n skoan lape tuwn 'er by , in oas wier 'r net folle brek as 't libben.

't Farren siet er sa in mei dy lju , der hieën se net ouwsjún , as wieren hjae jit helte ríker ; dat dieën hjae uwt kléare leaf habbery.

In broêr fen Líkle sín heit , sín omke fen sels, ek in man dy sín dingen skoan dwaen koe , woar fald oer e jonge , stoep op 'et skip fen sín broêr in brocht de

jonge er fjirder alhiel ïn 't fak op , as bie 'tsin egen hwest.

Dat dûrre aan Lîkle sîn 20ste jier ta , omke juch et op , in liet et spil fjirder aan de jong feint oer.

Jit tryë jier , den wier Lîkle sîn egen beas , in hy wier 'tek skoan fortrowd.

Lîkle miende altid dat er omke sîn neiste vinger oan 'e tomme wier , mar ho as 't no stoe , dat hwist er net.

In 'e lêste tiid hie hy wol reis mirken , dat Tsjalle-om , sa h jitte de man , net tsjin him wier lik as oas.

't Woar sa hwet hoartrich wûrk . Den die Lîkle dit net goed in den dat net ; — den wier hy to lang underweis mei'n fracht — den die 'r hwer net genôch oan 't skip , — den sloaide 'r to folle , in sa hwet hinne . Quartom : oan omke to hhearren , woar Lîkle ho langer ho minder .

De Grienterpsters hieën 't oas altid jit wol mei him op . Hy gong der for in fikse feint dy op sîn plak wier .

As Lîkle al hwet inbrocht of net dat wier allike folle . As hy al sei dat „hinne 'n hwerom fracht“ ful fart , as dat hy 't better as mennichien for dy of dy priis jaen koe , omdat hy by de feanbaes mei de pong reê stoe , — der holp net oan : Tsjalle-om woe gelîk ha !

Sa gong dat al d' iene wîke uwt in d' oare in mei hoarten in skurren , — mei tsieren in kettermintsjen , — mei egewjerjen in harrewarjen , — mar dit wier 'r mar fen : Lîkle in Tsjalle-om hieën net folle wille mear ïn 't libben .

't Kaem by tiden sa fier: der foelen twiskenbeiden al  
reis hirde wirden; 't gong mei dy twa op 'n drîgen in  
uwteitsen, dat . . . sa koe 't net langer!

As 't Lîkle forfeelde den sei'r ek mar quart in bûndich  
hwei: Omke, omke, hald jow stil man! Wy kinne om-  
mers fen 'n oar ouw!

Dat mocht' wol wolle, andere omke den . . . fen 'n  
oar ouw! . . . dat seil dy soer opbrekke, dat seil dy oas  
for 'e doar komme!

As 't dow mîn broêrs soan net wierste, den hie 'k al lang  
de brui fen dy jown, — den hie 'k net heal sa lang mei dy  
oanpield, ândogense rekel, mar sîker, 't is my to nei, --  
't bloed krûpt mei my ek al hwer der 't net gaen kin  
siuchste! . . . mar oas . . . hawar! in den biet er op'e  
tosken fen mallens.

Lîkle wier net 'n fûle jonge; hy wier hwet goedlik  
uwtfallen, mar 't gong jamk sa steil ta, dat mennich ien  
al klappen nwt dield hie.

Lîkle hie ien lok: hy hie fen lîts ouw in tige opfier-  
ding hâwn, in den tinkt immen net sa gow aan klappen.

Hy wist for-earst to goed dat fen wanne uwtdielen net  
folle goeds komt, in oan d' oare kânt hald 'r ek jit altid  
in 't each, dat et omke wier hwer hy tsjin oer stoe, sa'n  
alder man, tocht' him, koe er net mei unforstân to mijtte  
komme, as hie 'r ek tûwsend kear gelik!

t Kin al nuver: Lîkle sîn heit wier sa'n eabel man  
as 'r ien komme koe.

Dy wier sa riucht uwt as in peal in hie neane folle  
gehispele oer in mei; dy wier stil in bedaerd, libbe for  
him sels tofreden in wurksam 'r hinne, in liet in oar in  
sîn weasen. Mei nimmen makke 'r spil.

Hy ginde elts sîne's in koe 'n oar sîne's ek skoan jaen !  
 Tsjalle in hy wieren brûrren, mar hjae liken eltsoar in  
 'n hopen dingen as nacht in dei.

Ja, hwet scil men der folle fen sisse :

In minske is in nuver ding :  
 Hy kin him sels net tîge ;  
 In dy him krekt beskriewe wol,  
 Mat hjir of der wol lîge ;  
 Om, 't is mar sa jît altid hwest :  
 De moaiste bröggen lissoe  
 By elts for 't finster, lîts of graet  
 Dat kin min net oas sisse.  
 Derom is elts just net forkeard  
 In al sîn dwaen in litten  
 Allike min as 't wiere soms  
 Oan wiisd wurdt, sânder fitten !  
 In immen dy steksiagrich is,  
 Dat scil my elts tastimme,  
 Dy siucht hwet uwt 'e ruchte oan,  
 In kim min 't nea kwead nimme,  
 As den de bal reis misslein wirdt :  
 Mar skîlich sjende eagen  
 Dy truch 't forgraetglês pluwsje in dwaen,  
 Dat bin' de greatste pleagen :  
 Dat binne jamk gus, dy de tiid  
 Formoësje mei gerîfel  
 Oer allerhande nêstery,  
 In bernachtich genîfel.  
 Dat binne gus dy harntsjepik  
 Jit in 'e wrald ha wolle ;

Dy, jowt de tiid him derfor oan,  
 Hjar egen bûsse fölle.  
 Dy falle graech op 't kjessen del,  
 In slaen in oar ïn 't wesen ;  
 Mar och, de tiid dy leart 'et al,  
 Hjae brekke hjar egen glêsen !  
 Om, dit stjit, tinct my, al moai fest :  
 Elts hawt sîn donk're sîde ;  
 En derom skîmert 'et jin grif,  
 In lit min gow hwet glîde,  
 Hwet oas 't besjen wol wirdich wier,  
 In struyt min jamk wol blommien,  
 Hwer sied for stikels sjidde is,  
 Om 'er mar ouw to kommen !  
 Sadwaende sjit er ûnkrûwd op,  
 Mar mat jamk grienwei stjerre ;  
 Et blomket wol, mar jowt gjin sied,  
 Dat allens kin fordjerre ;  
 Om, as 'et tiid fen rispen is,  
 Den briedt de siinne beide :  
 Hwet goed is wurdt wol rîp en skoan,  
 Mar 't oar wurdt toar as heide ! —  
 In 't liocht lit allens him besjen,  
 As stofkes ïn 'e sinne,  
 Der mat mar deiliocht wêse, seil  
 Min 't finste der fen kinne.  
 Sa is 'tek mei in minske, siuch,  
 Al hwet by deiliocht dien is,  
 Der glurkje minske in Ingels om,  
 As 't riuchte paed mar gien is !  
 'Et finste flesk is 't minske hert ;

De holle is syn tsjinder ;  
 In is 'et nedich for de wrald,  
 Den is de tonge bjinder.  
 Dy skrobbet allens skjin in glêd,  
 Mar hwet 'er efter stiket  
 Is, dat de wrald bedragen wurdt,  
 Mei hwet 't fen bûwten lîket !

---

Sa gong 'et hjir ek. 't Is uws, tinkt my, al hwet in riedsel, dat Tsjalle-om sa wânder tsjin Lîkle wêse koe, der de man oas sa fölle fen 'e jonge halde !

Dat lei him net allinne op 'e tonge, mar soks hie 'rek in al sîn dwaen genoch sjen littin. — Hy wier fald oer 'e jonge, hie him nei sîn heite-dead jit fiks to skoalle gaen littin, om seiér, hwet kin 'k de jonge better meijean as dat hy hwet leart !

Ek wist min net heter as allens woar tige truch 'm beoarbere, mei 't jild in sa, in bûwten dat, der paste de tasjende fald, Ynte Langhout, ek wol op !

Dy freege him om 't hirdsje, 'k liouw hast wol fen alle moanen, rekkenskip ouw.

Dat wier Tsjalle-om den wol reis hwet tsjin 't krop, mar hy sei'r ek net fen, om de man hie 'r riucht ta, in bûwten dat, woe hy 'r ek neat tsjin ûnlisse, om, den koe Ynte wol tinke dat 'r de kat in 't donker knipe woe, in dat wier hiel sîn aerd net, né, hy spile hjirin ek mei d' iepene kaert !

Krolis, Lîkle sîn heit, wier by Ynte's altid wakker thuws, in sadwaende wier 't ek komd, dat Ynte Langhout do Krolis sîn wiif forstoar, tasjende fald wurden wier.

Likle wier den as jonge, — as graete jonge, in jongfeint, by Yntes's hoates en toates.

Hy roun der ouw in oan sa folle as 'r woe, in hie 't 'er ek as smoarige beane. Ynte in 't wiif wieren altid ûnbidige freunlik, in nei 't sissen fen 'e man, den halde 'r sa folle fen Likle, as wier hy sîn egen soan hwest!

Dow habst al 'n Jok, jonge, boppe tuwsenen, sei Ynte Langhout den sa wol reis tsjin Likle, — dow habst al 'n lok boppe tuwsenen, sids ik dy, datst dow in din omke in my in paer habste, dy for dy soargje, krekt sa goed as libbe din heit jitte.

't Is al 'n lok sis ik, boppe tuwsenen, om, wolst' woliouwe dat 'r for 'n hopen sa'n heite hert net kloppet as jins heit dead is, as Tsjalle-om in mîne's?

Tsjalle-om sis ik, . . . . der hwit ik oas ek neat fen; ik gaen mar by my sels lâns, in den bin 'k 'er fen oertsjoeghe, dat ik for dy weits as wierst' mîn egen flesk in bloed!

Ik hoopje dat de Heare my kreften jowt om 't sa ta'n lökkig ein to bringen, om sîker jonge, liouw my. Dy meyê wy net forby sjen, in der' haw ik 't ek oan to tankjen, dat 'k fu romte sprekke mei as 't din bilang jilt . . . in den lei 'r de hân op 't boarst.

Likle wier jit jong in ûnbedrieun, in andere den sa hwet ja, né in amen, om ho gjit dat mei sokke mannen: hjae tinke faek om hiel hwet oas in sa gongen in hiele bulte praetsjes fen Ynte him 'tiene ear in, in 't oare hwer uwt.

Loekwol, Likle wier lang net in koalle, om 't effen net! Hy wier for sîn jirren wol gear, de sliouens pleage 'm net folle.

Hy praeitte 'r Tsjalle-om wol reis fen to foaren dat 'er oas wol graech by Ynte 'n hjar' wêse mocht, mar ien ding dogs, der mocht er net riucht oer seiër.

Ynte Langhout in 't wiif habbe my jamk hwet al to folle gefîmel, den hjir oer in den der oer, in rounom wirdt uws Leaven Hear mar by aonhelle ; dat jowt altid gjin pas tinkt my, — dat bin 'k net wind !

Ei no jonge, andere Tsjalle-om den, dat is net sa slim, hjae miene 't oas goed, befter as 'k net hwit ; Ynte 'n hjarre bin' sa hwet hawtich ; min mat de lju in 'e wrald nimme sa hjae binne, mân jonge,lear dat fen my ; soks seilst wol reis by ûnderfîning kryë, as 't mar alder wurdste !

Dat seil sa wol wêse , andere Lîkle, mar, ik sis : 't is al hwet slim as miu net ienderis laitse mei.

Omke glimke reis.

Né, sîker sa , Tsjalle-om !

Jisterjoun jitte bardde 't, dat Hoatske sa ester my lans roun om 'n koaltsje in 'e test to kryën. Ik tochte neane om , in dîkere in 't fioer. Gjit my dat dealese fanke net hinne in smît my in heal glês-fool kald wetter in 'e nekke ! ?

Wol man, ik fleach omtrint fen kjeltme uwt mân fel in do wier 't laitse fen sels, sa ha jo 't net !

Ik pakte Hoats by de lurven , in kîtele hjar dat hjae kraide , krekt sa lang dat hjae sei fen manlju's-genade , in do halde 'k op.

Jow kin 't net liouwe ho swart as Ynte in 't wiif do seagen , in Hoats in ikke krîge 'n tîge roffel , no !! . . . Ynte 'n Gels kaemen 'r mar hird mei del ! Hjea drîgden uws mei 't lêste oardiel, dat wol ris for de doar stean koe sânder dat wy 't wisten ! . . . Uws Leaven Hear koe uws sa laitsende hwei wol dead del falle litte ; — Hy

woe uwt 't noch ïn net ha, sei Gels dat 'n minske lake,  
mar hie folle liouwer dat 'r de wrald skriemende truch  
gong. Hoats wier in wild in ikke 'n gik tocht hjar, in  
sa mar foart. Haerink, der hong sa hwet uwt! . . .

No, sei Tsjalle-om, ik tink, jimme scille 't er wol nei  
makke ha; dat jong folts is den ek sa brae-dronken ïn  
ienen! Dy fîten, mast' tinke, der ha wy-lju gjin nocht  
maer oan.

Sokke as ikke in Ynte-boer in 't wiif, jonge, binne al  
hwet ïn 't saôt bebîten, 'r is uws ek hwet maer oer 'e  
holle waid, as sökke as Hoats in dy!

'k Tink, 't seil mei Hoats in dy jit wol reis hwet wurde! . .  
Ja, Tsjalle-om is net sa dom! in sa gong de man 'r den  
hwet oer hinne, om, hwet scoe hy 'r ek al folle sen sisse.

Tsjin jong-folts mat min hwet om jin hinne sjen, hwet  
min seit, in dat hwist Tsjalle-om ek wol.

As min de lîtse vinger jowt, den nimme se jamk de  
hiele hân! . . .

Dit leste blieuw Tsjalle om ek al net fremd, as wier  
't no just net mei jong folts!

Tsjalle Risper wier goed. Hy wier, om sa to sissen,  
in man uwt ien stik, mar hjeerde in seach truch 'n tiid  
net folle kwaed. Dy 't mei him net berinne koe, wier  
wol in tige forkearden, der koe min mar fêst op oan.

Sa keam 't ek — in is 'et to begripen dat Tsjalle in  
Ynte jit altiid al ridlik goed skiks wieren in blieuwen,  
altaest, 'et keam nae net ta rûsje, né, dat like net!

Ynte Langhout wier oas altid sa hwet foarbarich fen  
eard. Nuvere setten koe er ha; hy stiek de noas greach  
reis ïn dingen der hy oas naet mei hie to meitsen, in  
behikkele in hopen dingen, hwet oas tige best ta gong.

In wûnder man, — in wûnder man is dy Ynte oas al,  
tinkt my, sei Tsjalle-om reis tsjin sîn huwshaldster op 'n  
kaer dat Ynte-boer by sîne's hwest hie to jounpîseljen.  
Ha jow 't fen jow libben sa wol sjûn? .... 't Keam sa  
oer Lîkle to preat: dat er alder in graeter woar, — oer  
sîn fortjsinst in klaen in sa, in hwet mien jow dat de  
man sei?

Ja, Tsjalle, dat kin 'k slim riede, no? sei 't minske.  
Dat's ek wier, andere Tsjalle-om; no, jow hwitte ek krekt  
sa goed as ikke, dat 'k uws Lîkle naene net fölle ïn  
tsjin kear as 'r hjir' of der sin oan hawt, as 't mar net  
al to uwtewîks is, in uws uwt 'e miet rint.

No, foar 'n wîke of fiour keam hjir ommer Sipke fen  
Drîls mei 't pak, in preatte my in lape lekken oan.

Ik tocht 'r aerst in pakje for my sels fen meitse to  
litten by Jantje skroar is 't oas sa net, mar do hawt Lîkle  
sa lang oantruwne, dat 't ïn plaets for him makke is. —  
En hwet mien jow dat de man no sei!?

„Ik kin wol sjen, tinkt my, Tsjalle, dat de heechmoed  
hân oer hân tanimt; hwer seach 'k Lîkle forlîne snein  
for oan, mien jow? ....

Miende 'k net dat Dominy's Jasper 'r oan keam, in  
daelies, — der 'k sa'n wird om sis, — 'et wier Lîkle.

Wol man, ik seach my omtrint de eagen uwt 'e holle!  
Dat stoêp as 'n Ingelske hoanne in draide op 'e hakken! ...  
'k Mat jow sisse ik besouwde my, in tocht ïn my sels:  
Och, och hwet gjit dit de greate wrald ek al op!

Hwet is 'n minske al 'n idel ding, as 'r him oan 'e  
boase oerjowt! ....

In der sit Tsjalle efter? Tsjalle, dy 'k oas altid jit

oansjun ha for immen dy..... wol man 't moêd woar my fool!"

„Hui, hui! seî 'k, seî Tsjalle-om, séft hwet Ynte, séft hwet, dit gjit'r reis hird lâns scoe 'k sisse. Jow rinne sa fier! 't Is wrîchtich as de wrald 'r oan hiuget!"

„Ja man, seî Ynte, as 't der mar mei ophalde!.... Mar mân goede ginst, ik kin my net begrîpe man, dat jow dy jonge sa in sîn heechmoed stîpje kinne in buwten dat..... my tinkt Lîkle mei wôl fen lok sprekke as hy 't sa halde kin! In ny halogie is 'r ek komd; 't nimt alle-gjerre sîne's!" in sa teutele 'r mar foart.

De feam begong al fen sieden bloed in 'n gleune kop to preaten, mar Tsjalle wier hwet langer fen beried.

Him tocht', min moast 't forstân foar halde sa lang as 't koe, mar do Ynte fen Lîkle sîn heite sulveren doas oanhelle, hwer dy wier, — in as dy jit for Lîkle bewarre woar, do fleach Tsjalle 't bloed op.

„Hwet dîvel sei'r, tink jow, dat ik dy jonge sînes forslampampje, — of in 'e lommert set, — of de boël forkaepje — in in 'e bûsse stek? Sa ha 'k 't net sjûn! Né man, ik bin sînes net nedich! Derfor bin 'k forearst sîn omke net, in jit folle minder sîn fald! Hwet tink' jow wol!?

Do Tsjalle-om sa 't bloed op fleach, woe Ynte 't al wakker delbêdsje.

Hy preatte'r fen dat 'er 't sa net miende, — dat Tsjalle him goed fetsje moast, — dat 'er nimmen fen kwaed bitinke, — mar lkme allinne uwt nûwd for 'e jonge soks 'reis opekkere, — dat 'r dogs as tasjende fald 'et bêste ek mei siikje woe, — dat hy to Snits sîn eed dien hie, in deroan ek liouwst foldwaen woe, — in sa mar foart.

„Hwet preat jow fen 'n eed ! sei Tsjalle ; as 't net goed beoarbere wurdt , — as ik de jonge sîne's opfret , sprek my dèn sa oan , mar no net !

't Gong der, quartom , dy jâns sa boars'lich al ta , dat hjea ïn 'e earste wîke of 'n tryë eltoar 't hûws net benei keamen.

Lîkle hald' him, as 'r soks hwet wier, 'r altîd bûwtten ; dy bemoeide him net mei dy spillen in bûwtten dat, wier hy do ek net iens by honk.

Sa gow as Lîkle nei dy set hwer by Ynte's keam , koe'r wôl fornimme dat 'r hwet gaende hwest hie.

Hy wist 'et truch Tsjalle om al, mar ek oan Ynte Langhout in 't wiif koe'r sjen, dat 'et spil net riucht ïn 'e heak wier.

Net dat dy lju noatsk in stroef tsjin him wieren , né , lang net !

Hjea wieren ïnplaets hwet frieunliker ta ! Hy wier mar just sen 'e stjinnen, do freege Ynte al nei Tsjalle-om, in do 'er ïn 'e hûws keam, jûch Gelske, Ynte sîn wiif, him gow in sit, in seî sa glûrkjende hwei : ho is 't jonge, hie omke 'r ek gjin sin oan om 'reis by uws to sjen ? Hy is dogs goed in oarder, hoopje ik ?

No, Gelske, andere Lîkle, dat hawt 'er tsjinwirdich wol oan. Tsjalle-om is uwtintruch sa hwet poartrich ; hy goaret egentlik mar sa hwet om !

Ei, fy jonge, hwetst' der seiste, foêl 't minske ïn, . . . fy, ik hoopje dogs wrîchtich net dat Tsjalle-om alhiel siik wurdt, as sîn ein 'er mar net ïn lisso mei ! goêmân dat 'r is, . . . fy, de Haere is machtich, dat is sa, mar . . . fy , uws wei gjit al wakker ûngelîk , . . . ja, dat is sa !

Mei keam de bûwsdoek for 't liocht in fage se hjar wakker om 'e troanje.

„Gjit Lïkle gow hwer so artjonge, of bliouwst jit hwet ? ja, ... né, ... net dat 'k dy foart truwnje wol, né, ... fy, ... mar 'k woe sisse : wy habbe fen dy lekkere trieuwen-tsîske's, my tocht' der' moast omke al ien fen habbe, der scil 'er moog'lîk wol smeak ïn ha , den mast' dow strak mar ien mei nimme hjer !

't Durre net lang as mêm roop truch 'e doar nei efteren : Hoats, Hoats ! kom hjir reis fanke, kry reis efkes ien fen dy trieuwen-tsîskes uwt 'e kelder, dow hwist' wol hwer-earne as se steane oas ? op 't langboed hjer ! boppe de mölkenfetten, sjuch der mar reis !

't Fanke keam 'er mei twa oan. Sjuch mêm , is dy goed ? Lit my reis sjen hju, seî mêm, .... né, dy net , d' oare, dy hald ik 'r for is lekkerder, dy mat Tsjalle-om mar ha , tinct my.

Op 'n tafelboed woar 'r ïn 'n blowdrikte doêk beknowte. Lïkle betanke de boerinne in gong 'er op ouw , om , sa hie Gelske 't liouwst sei hjea, den koe Tsjalle-om 'r mar gow in stik fen kryë. Moarn is 't snein , den koe Lïkle tocht hjea wol reis hwer sjen , in sisse ho 't mei omke wier, in as 't him hwet smakke hie in sa hwet hinne.

No, Lïkle smookte earst reis oan, in stoep de doar ûwt. Hy gong 'et bûwthuws lâns , in der stoe Hoatske op 'm to wachtsjen, sa 't lîke.

Haerink, fanke ! Ho stjitst' dow hjir sa aerlich lïkme allinne ?

Skeeelt er hwet oan ? My tinct, dow bist' hwet bleek ! De jongfeam stoe earst hwet forbûke, mar op 't frieun-lik andlit fen Lïkle skepte hjea moed , loek 'm oan 'e skoat fen 'e jas , in gong mei 'm efterhûws bûwten doar.

Lit uws hjir efkes staen seî hjea , oas fornimme se 't

în 'e hûws jit ek. As 't dow hjir biste, stjit 'er hast al tîd ien om 'e harne op 'e luwster, is 't heit net, den doch mem 'et wol.

Mar hwet ik dy sisse woe.... Lîkle,.... ik mat sa, ik kin net oas ! Ik wurd twongen, mar .... och haerink ! ik forgaen hjir langer as stof în 'e sinne!" — in hjea snikte lûwdop.

No, andere Lîkle, sis 't mar hju, sis 't mar fanke ! dow witst' ommers wol dat ik for dy allens dog ! Hwet skeelt 'er oan ?

Och Lîkle, dow kinst' net lieuwe ho'n kruws as ik hjir langer ha !

Ik mat fen dy ouw sjen, in dat kin ik net ! Heit dy driicht my as 'k mei dy oanhald, om my 't hûws for altîd to forbieden in dy de bonken to kneppeljen, as 't dow dy mei my bemoeiste ! Ik kin 'r uwt gaen to tsjinjen seit er, in 'k kry gjin reade cint mei ! no, sa is 't.

Ei kom hju , dat scil wol hwet tafalle wol 'k liouwe ! Jimme heit rint wol reis hwet hird , mar den is jimme mêm 'r omuers ek jitte !

In dat hjea sa foel op my binne , dat kin 'k my hast net begripe.

Hjea binne altîd allîke frieunlik tsjin my ; ei hju , dat scil wöl hwet tafalle !

No, andere Hoats , uws mêm ! rekkenje der mar net al to folle foar, mar,.... ik wol 'r ek mar net mear fen sisse : 't bin' mân alden, mar , o Lîkle , dow witst 'et net hael !

Begrîpst' wol hwerom as mêm dy no sa gow foartruwnet ? Dat is net om Tsjalle-om , né , mar om hiel hwet oas ! — Dow wist wol, dat mân neef fen Klaiterp, —

*Sibe Lanhhout*, — dy kinst ommers wol, 'et altid op my forsjan hawt, in der bin ik net sen thuws!

No dy komt hjir joun hwer, mast' tinke, in no wolleheit in hjarre my twinge, dat ik mei 'm oanhald.

Sa'n rike skevel, sisze heit in mêm, mast noait ouwslean, der kinst' mei de wrald truch komme, den bist' altid birgen.

Rik is er, dat is wier.

Hy hawt in slömpe jild, mar hwet is 't oas ek!? Hy is sa dom as'n efterein fen 'n baerch, en hwet rint er sliouw! krekt as 'r in wiet' dweil ïn 'e broêk hawt. Hy stjit ek net iens riucht op sîn schonken.

Hjea neame 'm ommers ek altid fen brike Sibe.

O, dy ! sei Lîkle, brike Sibe ! No kom 'k er jest goed efter !

Och hearink ! Ja, 'k wit wol, hy kin 't net helpe dat er sa is, mar der habst' wol geflik oan ! Och hearink, no, mar .... how hwet hjer, dat haldt jerder op, 't jild makket allens net goed, né né !

Hoatskepreatte 'r fen, dat hjea dy jouns uwt noch ïn net by Sibe opsitte woe, mar allinne aan Lîkle in om nimen oas tochte. 'k Bin sa eang fen dy fint as fioer, sei hjea.

Mar dow bist' net eang fen my wol? sei Lîkle, in mei slûch 'r hjar de hân om 'e hals, in hjea him, in patten elstsoar reis tige.

Sa uwt 'e rin woar 'r jit mear ouwpreat, maer hjea dieën elstsoar ek net mear oan tiid, om Hoats sei: hark, hwet is dat? Mêm röpt al liouw 'k. Hjea jûgen elstsoar de hân, in no sette Lîkle hastich de lîtse finne hwer uwt.

Hwet seach omke heech.

Kom, hawt Ynte dy ek al de bouns jân? Mast et ek al mei omtjilde, dat wy net richt iens binne?

Sêft hwet omke rôp Lîkle, net to hird as 't jow biliëst!  
Sa is 't lang net hjer. Siuch hjir mar reis, dat 's oas  
hwet.

Ik ha ûn pleats 'n jefste meikrige! 'k Preatte'r fen dat  
omke hwet poartrich wier, in sa hwet omgoarre, in do  
wier 'r gjin helpen oan: ik moast Tsjalle-om 'n trieuwen-  
tsiske bringe, der scoe omke wol smeak ûn ha tocht' Gelske,  
en sa seî Ynte ek.

Haer, haer nog ta, hwet bin' Ynte 'n Gelske no hwer  
grien net?

'k Wit net, hwet 'k hjir fen tinke mat! 'k Hald 'r oas  
naet fen, dat 'n minske sa gow hin' 'n hwer is! Seoe  
't wol goed wêse!

Der wit 'k naet fen, sei Lîkle, mar oan Gelske to sjen,  
den hie hjea 't 'r wakker mei to dwaen dat Tsjalle-om sa  
uwt 'e lîken wier; derom net, Ynte-boer freege 'r ek nei,  
do 'k mar just fen 'e stjinnen wier.

Hjea woeën Tsjalle-om der ek reis hâwn ha, sei Ynte.  
Hy tocht dat omke mei my oerwaid wier.

No, 't kin ek sa wêse, sei Tsjalle. Min mat oas ek net  
sa kwaed oer 'n oar tiake, dat mei net, dat wit 'k oas ek  
wol, mar, ho is men den?

Tsjalle-om neam 't goed op.

Hy tocht alle herten by sîn egen, in woe gjin kwaed  
sûge, der gjin kwaed in siet.

Erechtinkenheid bringt jin ek jamk op 'n forkeard pead,  
tocht' Tsjalle-om, in 't kin ek sa wêse, dat de man 'r spît  
genôch fen hawt, in 't op sa'n menear hwer hwet goed  
meitse wol.

Hoatske woe oas ha, dat 'r hwet efter skûle, andere  
Lîkle.

Brike Sibe seoe komme in no moast ik foart sei hjea-  
 Ei hwet skeelt dy hju, jong-fammepreat ! Is 't al sa,  
 sei Tsjalle-om, binn' jimme al hwer by 'n oar' hwest ? 'k  
 Hied 'r mar blieun as 'k dy hwest hie ; mar né, dow woest'  
 no ek nei *my* ta, no ?

No, 't is bést jonge.

As 't er no moarn of sa reis hwer komste, den mast  
 Ynte 'n hjarre goêndeï sisse in hjar frieunlik betankje  
 hjer !

Sis den mar, as hjea 'r nei freegje, dat 'k hast wol reis  
 komme scil.

---

Sneintejoun kaem. Lîkle droste 'r op ouw, mar net sa  
 to jounpîseljen lîk as oas wol, né, hy stoep om healwei-  
 achten de doar uwt mei de kaai ïn 'e bûsse, moai forklaid  
 in kaem 'n tweintich minuten letter by Ynte's oan 'e doar.

De doar siet op 't kjetting, Hoatske kaem foar in liet de  
 feint ïn. — Ynte 'n Gelske seagen al hwet heech dat Lîkle  
 der sa oan kaem, mar lieten hjar oas ek neat skîne.

Allens gong frieunlik in wol ta ; 'r woar nei Tsjalle-om  
 freege, — as 't trieuwen-tsîke him goed foldie, — as  
 'r ek 'n bîtsje better woar, — in as omke ek reis tochte  
 oer to kommen, in sa hwet hinne.

't Andert, dat Lîkle hjirop jûch, stoe de lju wakker  
 oan, quartom, Ynte kaem alhiel op sîn praetstultsje.

„Dow kinst' no den dînes dermei ek kryë, Lîkle oas ?  
 Ja man, sa kiñ min sjen dat min alder wurdt !

No jit feint, mei quarten trowd man in heit, in den  
 'n alte hakkenkruk, ha, ha, ha ! ja, sa gjit 'et !

Jonge, Ynte wier sa quartswîlich op sîn menear.

No Lîkle tocht' dat gong sa hird; dat seoe jit all'gjer  
wol 'n dei in 'n moarnskoft oanhade!

Ei ja jonge sei Ynte, ik sis 'tek sa mar, der hjeart 'n  
grapke by!

Hear hear! hwet is heit tsjinwirdich op 'e tried, sa foel  
Hoatske ïn, 'k wol liouwe dat heit faai is.

Ho no sa, fanke? 'n minske is altid net gelik. — No  
fanke, sei Gelske, der seiste sa hwet! Heit is joun al  
hwet omtraffle; dow seist 'et, in tocht 'er sa oer.

Lîkle kaem 'r rûwn for uwt, dat 'er der wol reis oer  
mochte, folle liouwer as altid sa uwtstritsen to wesen, krekt  
as min ïn 'e tsjerke siet.

Ja, witste hwet, sei Ynte: ik seî dat sa, datst' no dîne's  
dermei kryë kinste, mar..... gikheid is neat, alle gik-  
heid op 'n stokje, in sels forop, seit 'et sprekwird, ik woe'r  
egentlik hwet oas by sisse:

Tsjalle-om hawt dîn jild in sa ïn 't gebrûk, fen sels for  
de nedige rinte, in dat is bêst, tige bêst; och minsken,  
de Heare mei my biwarje, as 'k der kwaed mei ïn 't sin  
ha om derop to fallen, né, derfor is Tsjalle my 'n to goeden  
man, fy né, mar derom kin 't oas ek wol goed wese!

Better as 'k net wit ha 'k 't altid goed mei dy miend  
en sa bin 'k jitte. Ik hoopje dat de Heare 't jit reis jean  
mei dat 'k ek oan dy dwaen kin, 't jinge 'k oan mîn egen  
bern as heit dwaen seeo.

No, Ynte-boer, sei Lîkle, hwet ha jow den foar?

Sêft hwet jonge, andere de man, net ald to hird, dow  
bist' sa hastich. Wîst dow hwet, ik ha der sa reis ïn  
mîn egen op nei tocht, in 'k ha 'r ek mei Gelske oer  
praet, is 't oas sa net hju. Gelske knikte.

Ik ha 'r sa reis ïn mîn egen op nei tocht: 't begijnt

mei Hoats in dy al hwet sib wirk to wurden , in nei 't  
mêm my fordwtst hawt, den hawt Hoatske al hwet tsjin  
trowen uwltitten.

No, 't lket al 'n bâtsje fremd , dat is sa , om, Hoatske  
seil 'r tsjin dy wol reis hwet fen uwltitten ha, dat ik 'r  
danich op tsjin wier, no ?

Ja, sei Lîkle, der hawt hjea my wol reis mear fen sein,  
as my swiet smakke.

No, sa foel Ynte ïn, hald dy mar stil, 't seil dy allegjerre  
wol klear wurde, hwerom as dat sa wier.

Sjueh, dow kinst' my wol, ik bin by tîden hwet hastich  
in as 'k den for 'n kear reis los litten wurd, wol man ,  
den wurdt 'et bloed my wol reis sâpe in 't brein porselein.

Ik skriem 'r ïn my sels wol reis om , in mei fage 'r  
ïn 'e eagen om.

't Wier heitenâwd berntjes, heitenâwd, in oas neat, hwer-  
om as 'k sa driftich wurde koe.

Jimme bin' jong in ûnbedrieun , in den sa 'r mar ïn  
rinne ..... sjueh, der betocht ik my den wol reis oer !

Mennichien rint 'er mar dom in ûnbesûse ïn , in der  
komt jamk sa folle fortriet in jermoed fen.

Ik woe 't jit altid opkaere sjuchste, mar no .... kom ,  
'et mat 'r mar uwt , al hwet goed is , kin wol deiliocht  
fordrage !

Ik hie tocht , dow habst' 'n tuwsend gûne of 'n seis  
by Tsjalle-om stean is 't net wier ? No, ik hie tocht  
om dy foar to stellen, dat jild sels to brûken , dat is to  
sissen : truch tadwaen fen my.

'k Mat sisse, 'k begrîp jow jit net, sei Lîkle.

Komoan , sei Ynte , den seil ik 't dy duwdlik meitse.  
Dow easkest dñ jild fen jimme omke op as de tiid der

is. Hwet dermei uwtriuchte wurde seil, dat kin him neat skele.

Dat is no net om 't gjin liocht fordrage kin, of dat ik hwet op Tsjalle·om tsjin ha, né, fy, sa wiis bist' dow ek wol. 't Is om dñ bilang, om dñes allinne, in oas neane om !

Mar ik sis dat sa, omdat jimme Tsjalle·om den wol reis mear miend hawt, dat ik him hwet foel bin, mar dat sjucht er truch alle tiden hinne ek wöl oas !

Lik as ik sis: Dow easkest dñe's fen 'm op, in as Tsjalle·om freget hwetst' der mei oan scilste, wol no, sis ienfaldich dat 'r mear rinte for komme kin.

Neam mar 'n notaris, as 't mat ! Dow witste, ik dog 'et fölle ïn skiep in ky, in no hie 'k sa tocht : Dow setste dñ jild by my ïnder dat spil, in jowste my 200 gñwne foruwt for mñ dröktme, den bist' fen my alhiel ouw !

Ik sis 't dy, dat kin 'r reis sly winne. Fen sels, op 'n oar jier jowst' my sa fölle hwer, in dat kin den wrichtich ek wol for dy uwt, om, 't sit 'er grif op mast tinke, dat mei quarten dñ kap'teal dûbel sa fölle is.

Lik as ik sis: sa as 't 'er no ta stjit, den wurdst dow ien fen uws bern, soks ha 'k al oan dy forstien, in hwa is jin den neiér: heit of omke ?

Dat is ek sa, seî Likle, mar.....

Seit hwet, 'k seil dy jit mear sisse, seî Yate.

Ik bin 'er neat op tsjin, dat Hoats in dow man 'n wiif wurde, neat, mar der stjit ek tsjinoer, dat begripst' ek wol, as 't mei jimme sa fier net kaem, den wier 'r ek wol 'n oaren klear, in ek ien mei mödder oan 'e klûwt, no !.....

Net dat Hoatske der no sa sliucht om is, né, dy hawt

'et altid op dy forsjûn hawn, in fen sels jitte, mar 'n minske kin foroarje, in jild is 'n wânder ding!

Sa teutele Ynte mar oan in mar hwei; hy praette dat 'r switte, in twiskenbeiden liet mêm 'r ek reis in wirmsje by ïn falle, dat, Lîkle in Hoats gong d' iene kleur op in d' oare ouw, sa sieten dy twa 'r mei ïn.

Loekwol, Ynte kaem jit netolle fjirder, om, Lîkle liet neane folle oer uwt, mar hald' 'm sa hwet efteruwt.

Hy slûch 'et net ouw, mar sei 'r gjin ja op. Dat fol-die Ynte-boer al neat. Alteast hy woe Lîkle oan 'e praet ha. Loekwol, hy liet him soks net skîne.

Hwet Lîkle in Hoats dy nachts deroer ouwpраatten, kin 'k net sisze, mar dit wit 'k wol, dat hjea 'r jit net oan ta wieren.

't Halde jit al hwet oan for as Tsjalle om hwer sa hwet op 'e kluwten kaem. Ynte hie al reis driichd sei 'r om nei 'm ta, mar dat wier uwtintroch ek hwer forkomd.— Op 'n moaye dei stoep Tsjalle-om op Ynte's ta; hy woe reis kuyerje tocht him.

't Wier den swiid ho as Ynte in Gelske beide ïn 'e baen wieren, hjea wieren alhiel uwt 'e skroeven.

No, 't wier mar sa: Tsjalle-om scoe der no net forgees komme, sa hie Ynte 't al begrepen!

Hy begong al fen sjirren hjir 'n der oer to praeten: oer trôwen in huws-sitten wurden, — oer jermoed fen 'n hopen om oan 'e kost te kommen, — oer jild in goede saken meitsen in sa mar foart, quartom, 't kaem op 't lest op Lîkle del.

Hy praette 'r sa hwet op om, dat sa 'n ien as Lîkle 'r jit lang net minst oan ta wier, — dat de jonge 'm fiks ïn allens rôdde koe, dat er wol foruwt sjen koe —

as Lîkle woe, — dat sîn kâns fen slagjen graet wier, — in dat 'r ek wol oan 'e jongfeint fornommen hie dat hy omtrint wol beret wier om mei him (Ynte) ien spil to drieuwen , in sa maer.

Ja, Tsjalle-om ! Lîkle wol 'r hwet maer uwt helje as 'r oan diss' tiid ta uwt helle is, in my tinct, de feint hawt gelîk ! Hy stiet no mei quarten op sîn egen skonken, in hwerom den net ! ?

Tsjalle-om wier gjin man fen praeten, om, hy hie nae net folle wirden hjir' in der for, mar tocht' sa folle maer !

Hy liet , et jinge Ynte 'm foargounse , reis tîge ïn 'e holle omgean, in kaem sa op 't tinkbield , dat Lîkle mei Ynte al ien lîne begong to lûken. Der fen dinne kaem 't den ek , dat 'et in hoart twisken Tsjalle-om in Lîkle al hwet toar wirk begong to wurden. Hie de man no hwet maer hjir in der fen uwltitten, wol, den hie 'r men-nich hirde worden sparje kind, in Lîkle 'n hy wieren iens bliuwn. Mar, sa gjit et, min kin by tîden to folle mar ek to min preate !

Loekwol , bjstere lang dûrre dit net, om, do Lîkle 'r Tsjalle-om reis goed op oanstoe, hwet 'er dogs aan skeelde, kaem de moart uwt !

Ynte wier reis tîge forbarich hwest , in wier al to folle mei sîn wît op 'e tippel.

Hoares jonge , sei Tsjalle-om , Hoats iu dow miene 't eltsoar goed, dat wit 'k, mar 'k wit ek, dat Ynte 'r bjuster tsjin ïn lisse scoe as 'r seach, dat er dîn jild dermei net ïn beslach krîge. Den forgriemde 'r 't lîk fen sîn egen bern, ja, sa is Ynte !

Mar, komoan, der is 'n sprekwird ; „Dy net sterke is , mat slim wêse.“

In fryërslist komt dy no to pas.

Dow witste, dat 'et in ouwgrîsliken hoarten in skoarren  
jean seoe, as Ynte ienkear for goed wiste, datst dow net  
woeste sa 't hy woe, in, hwet sa 'n tsjinkëaring in ïn om-  
rieding sen trowen twisken alders in bern net dwaen  
kin, . . . no, ik sis 't dy, der kin 'k jit stikken sen oanhelje.

Dow haldst' dy mar goed tsjin 'm ; lit him mar maest  
praette, in anderje sa folle as 't kin, mar sis 'm naet ta,  
om, jins wird brekke, dat mei uet !

Der is dy gjin rûch for 'e mûwle wûchsen, dow kinst'  
goed practe, derom, dôg dîn bêst in hald 'm op toch sa  
lang as 't kin.

Dy ried kaem Lîkle goed foar , in hy spile 't ek wol  
eardich klaer, altaest ïn 'e earste opslach.

Mar Ynte wier 'n alte raôt.

Dy fornaem ûnried op sîn menaer, in hie mar fêst be-  
sletten , om oan 'e trowery fen Lîkle 'n Hoats 'n ein to  
meitsen. — Hy skriew 'n briefke mei Hoats hjar namme  
'r under ; den seoe Lîkle miene' dat dy fen hjar kaem ,  
tocht him , in sa koe de hiele fryërs-boël moai ïn terwîn  
reitse.

Jonge frieunen, wolle jimme ek witte hwet 'er ïn stoe ?  
'k Ha 't ouwskriûwn op 'n kaer dat 'k by *Lîkle Rispers*  
wier in hy 't my sjen liet do wy sa meiinoarre jit reis de  
alte ky nwt 'e slaet hellen.

Hy hie 't jit nwt 'n aerdichheid bewarre.

't Wier mar quart, mar dit stoe 'r ïn :

Grienterp, de 20ste fen Sprokkelmoane  
Anno : 1829.

Oan Lîkle Risper.

Ja , hjur stjit net boppe fen mîn laeve Lîkle , is 't oas  
net ! ? Né. dy bist' ek lang net maer !

Ik kin dy net maer as frieun, in oas wol 'k dy net mear kinne!

'k Ha mân nocht fen dîn falskens, om, de dîvel spilet er mei!

Mien mar net dat ik 't mei dy op hâwn ha, né, der is wol 'n oaren dy 'k in hert tadraech.

Dow sjuchtst' mogelîk mäl op, dat 'k dy dit briefke skriuw, mar liouw mar dat 'et hjir mei uwt is. Kom mar net hwer; of ha 'k sein fen ja, no sis ik né, in dat stjit as 'n ïseren pael hjer!

Ik sis dy gjin goêndeî, om, dat bist' net wurdich, derom mân namme:

#### Hoatske Langhout.

Do Lîkle dit lêsen hie, forstomme 'r earst in 'm sels, in seî: De drommel mei 't bigrîpe, mar ikke net!

Hy gong<sup>\*</sup> op slach nei Ynte's ta, om reis to sjen ho as dit wier.

Hoats wier krekt op 't stalt, do Lîkle 'r oan kaem, in 't mûwtele fanke lake 'm jit allîke bliert ta as altid.

Hjea hjearde fremd op, do Lîkle seî hwet 'r oan wier. Hjea seî: 'k doar 'r op swarre, dat 'k nae söks in 't sin hâwn ha, lit staen fen 'n pin op 't pömpier to setten!

Lîkle liet hjar 't briefke sjen, in 't bern woar 'r sîker fen ûrstioer.

Sîker sömp, mân laeve, beste jonge, dat is mân wurk net, mar ik sjuch 'et wol oan 't skrieuwen 't is 't wurk fen immen dy ..... o Lîkle, ik kin net mear sisse... 't is my te nei! o, heit, heit, heit! in hjea snikke 't uwt.

Ik fetsje 't wol fanke, sei Lîkle, hwet 'r efter sit. Hald dy mar stil Hoats, dow bist' jit mân selde — mân alder-bête, — dow witste wol, in hy patte hjar dat 'et klapte.

Lîkle bliouw 'r net gelîk ûnder; no, hwa scoe ek gelîk bliouwe?

Hy gong mei 'n krûwse holle in 'e hûws, in der woaren Ynte 'n hy sa fiurslach deiles, dat 'et ein wier 'r fen hwei.

„De Haere wit 'et hó as ik et mei jimme foar hie”, dat lei Ynte Langhout mar foar oan op 'e tonge, mar Lîkle jûch 'm to halden dat de Haere hjir net hy to pas kaem, omdat Dy to snieblank-heilig is fen eagen om soks to sjen!

't Jûch 'n opskoar in 'e huwshalding.

Alle dagen hong 'et hûws hast in townen, in hwet 'et neiér oan 'e trowdei kaem, ho bolstiurriger Ynte in 't wiif tsjin Hoatske woaren.

Op 'n sneinto-moarn jitte krieten se Hoatske hwer uwt for allens hwet mar sliecht in gemien wier; derop naemen Ynte in 't wiif de Bibel ûnder 'e earem, en gongen nei tsjerke!

Mar 'et kin al nuver.

Ynte, mei al sîn geskrip in geskoar, — de man dy 'm sa oanstelde, hy woar hommels tige siik, in min tocht' mei 'n dei of fiour, dat de man stjearre scoe.

Ek Ynte tocht' er sels sa oer.

Naet died de man as roppen: Tsjalle.... Lîkle!.. Hoats!... o, mîn boarst! — 't Sit 'm in 'e hölle wol'k liouwe, seî Gelske, dy jaget him sa!

Mâr der wier jit hwet, dat Ynte jage: sîn gewisse!..

Hy jûch to forstean dat de Rispers komme moasten. Dit bardde.

O, minsken! hwet knîpte 'r Tsjalle om in Lîkle in 'e hân!

Hy snikke in 'm sels, den wieren sîn eagen ticht in den slûch er se hwer heftich op.

Tsjalle-om krike 'm séft by de hân in sei: 't Gjit no  
mei jow for 't lést, wol 'k liouwe, Ynte!

Mei 'n holle stimme rôper: Ja, ... ikke ... Tsjalle ...  
Lîkle ... Hoats! — Ik ha jow fen kwaed betocht; 'k  
woe Lîkle plooitse, mar ... och, Tsjalle! forjow et my ...  
ik kin net mear!

Ynte, sei Tsjalle-om, hjir is mîn hân, wy scille eltsoar  
net hird falle, mar der is Ien Dy jow forjean mat, freegje  
Him uwt groun fen jow hert, den slacht Hy jow net ouw!

Gelske in Hoats snikten, in ek Tsjalle 'n Lîkle stoe in  
trien in 't each. Ynte stiek jit reis de hân nei hjar uwt,  
mar ..... och heden, sîn hölle sonk omleech, in... de  
man wier net mear!

Fiour wike letter kaem de trowdei. Elts kin begripe  
dat 'r net fölle ompta gong, né, de omslach wier lits. In  
fûge gaer riucht kaem er, in der gong allens mei ouw.

Lîk as altid, sa gong 'et hjir ek: Nei de trowdei  
kaemen maer dagen, mar ik kin 'er dit fen sisse, dat  
Lîkle in Hoatske in lökkich libben leiën. -- Twa laeve  
berntjes fen de jonge Iju bin' opgroeid in care in deugd.

't Mocht Tsjalle-om net barre om se graet to sjen, in  
Gelske ek net, om, do de aldste in 't tsiende jier wier,  
kaemen beide hwei to reisgjen.

Fiftsien jier letter liet Lîkle de farrerrye aan sîn jonge  
oer, in no libje *Lîkle* in *Hoats* as earb're minsken fen  
twisken de sextich in santich jier er hinne, truch elts  
forjerre in 't hiele Gae.

Hjea libje fen 'e rinten.

Dy nei hjar ta wol, mat to Grienterp efter 'e toer wêse,  
't earste streekje oan 'e riuchter hân, in 't tredde hûws  
fen Dominy's ouw.

Heden hwet is 't libben fleurich,  
 As min 't riuchte pead mar gjit ;  
 Allens is allike gearich :  
 't Is as 't fool fen blömmen stjit !  
 Jonge dagen, manne-jirren,  
 Gaene as in droom forby ;  
 In as komme 'r grise huirren ,  
 Nimmien is den 't libben fy !  
 Mar is 't skreabjen, wrotten, skrippen  
 Mei in dievestreek 'er truch,  
 Dat is : 't libben to forknippen  
 In forgriemd to habben ; siuch,  
 Dèn is 't lyen hwet 'er oan is  
 Oeral kryt min in 'e wîn,  
 In elts dy dernei sa stoarn is  
 Seach de takomst donker in !  
 Mar, dy riucht in earbar libbe  
 In in allens die nei 't wird  
 Dy wier mei gjin lëst besibbe  
 In gjin stjerren foel him hird.  
 Minsken, frieunen in frieundinnen  
 Ha wy huir hwet laerd den is 't  
 Truch de lju mei 't wît fen binnen :  
 „Heitenâwd in fryërs-list.”

---

'Et plaech wakker ïn 'e moade to wesen, dat immen ,  
dy for 't folts opstùp in sprekke seoe , al fñbïdige lang  
oan 't wird hwest hie, for 't egentlik op stik seu saken  
oan kaem ; dat sa immen al, hwa hwit ho lang , oan 'e  
praect hwest , — in 'n bulte werden wiksele , -- in dogs  
jit naet sein hie.

Dén kaem 't 'er sa hwet op del , lïk as Keizer Napo-  
leon III 't by sîn libben al folle hie : „Dy seï hwet , in  
hy seï ek naet.”

Dat is moai!... dat is just 'n kinst, scill' jimme wol  
sisse : In bulte praete, in den jit naet sein to habben,—  
dat die elts him net neî !

Né frieunen , dat is ek wier , der' habbe jimme gelïk  
oan, mar, as dy menaer no wol de riuchte is , . . . dat  
stiet reis to besjen !

't Spant 'er wol reis om , is 't oas net wier, soks scill'  
jimme ek wol by ïnderfining ha , om allens sa hwet op  
sîn pas , — op 'e riuchte tiid — in by 't riuchte ein to  
pakken, mar de miet is kostlik, der' meië jimme in ikke—  
wy alleggerre ïn uws dwaen in litten wol hwet om tinke !

Hie Napje der ek hwet maer om tocht , den hie 'r sa  
folle net om 'e tuwn laet in by einsluwten him sels net  
ïn sîn egen tîsebosk bewîlle, hwertroeh er stroffele in . . .  
foel !

Sa stroffelje 'r in bulte troch in al to graette oanrin.  
't Gjit hjar krekt as de pols-springer: hjea nimme in  
graette tsjinne dy hjea net op kinne , nimme derom in

oanrin fen hwer bin' hjea , sa , dat hjea foar 't ljeppen efter 'e ásem binne, sette ouw, „to ier of to let,” draaye ûr 'e wjuk in falle ïn 't wetter.

Omdat 'et wetter tsjinwirdieh net allinne kald, — mar ek wiet is, pruste wy der tsjin oan, in tinke : „to ier of to let” dat docht jin ûr 'e wjuk draayen, derom : 't is uwt mei uws oanrin, mar lit uws besjen, hwet 'et ïn 'et deistige libben inhaldt : „To Ier of To Let.”

## To Ier of To Let.

Siech, minsken : To ier of To let,” sa'n wird docht jin op him sels al tinken aan hwet, dat net is sa as 't hjeart. 't Docht jin tinken aan al 't jinge hwet net riueht ïn 'e haek is ef wier : To ier of To let,” soks is hwet, dat hjeart by uws net thuws !

Ik hoopje ek, dat nimmen fen uws de grîse ûr 'e growe gongen is, do ik dit opskruft naemde ; dat nimmen .... mar hwet habbe wy der ek folle ûr to praetten : elts wit dat by him sels wol, in, is 'et jit net nedich hwest, 'et kin uws allegjerre derom ïn 'e takomst dogs wol fen tsjinst wêse !

Is 't net makk'lîker in ek net moayer om tröch in oar ïn 'e spegel to sjen in derfen to laeren , as tröch skaed in skande wiis to wurden ?

Wis in wrîchtich , is 't net wier , derom scille wy reis sjen , as dat : „To ier of To let,” ek in spegel uws for aegen drait, ïn *Okke Pluwser* fen *Snippelhûsen*.

Okke Pluwser! ? tinkt my hjeard ik der ien sissen , Okke Pluwser! dy kin ik net der hab ik nae sen hjeard dat 'k wit ! Dat 's in wând're namme !

Hoare's frieunen ! just omdat jimme him net kinne, in misschien nae fen him hjeard habbe, derom seil ik jimme dat reis uwt lisze in fen him fortelle.

Snippelhûsen wit' jimme allegjerre krekt sa goed as ik hweraerne as 't leit in ho as 'ter der uwtsincht, derom, dat 'k der no folle fen sis, komt 'er minder op oan.

Mar fen Okke Pluwser, tornim ik al, wit elts hjir minder ouw. — No, Okke h jit er, dat is sîn wiere namme, mar Pluwser is egentlik in kwaede bynamme dy min him al neijâch ten sîn jonges-tîden ouw.

'k Seil jimme sisze ho dat kaem.

Okke wier in jonge fen tsjeppe boargerlju, dy hjar dingen al moai goed stelle koeën.

Sîn heit hie bakkers-baes hwest, mar dat bedrieuw opjûn, omdat er de skijpkes op 'et drâge hie, sa min den wol seit, in ek al mei, troch dat er in deî alder woar.

Okke wier sa'n opslâpen jonge fen 'n jier of trettsjen in hie ûn 'e bakkery nae folle uwt 'e hwei set.

Sîn heit wier, lîk as ik niis sei, 'et jongst al ouw, in derby wier de man by tîden sa krebintich, om hy hie fry hwet lêst fen jicht.

Sadwaende leî dy soms dagen oan ien op bêd in stoe Okke ûnder opsicht fen 'n bakkers-feint, dy fen sels gjin heite-hert ûn 'm om drûch !

Op sa'n menaer rûn Okke 'r maestal bytroch, die net maer as er sin oan hie, in kwoartte de tiid om 't hirdsje mei dit in dat op to snoskjen; dat wier den in ûrsketten stikje daai hwer in to lîts boltsje fen bakt woar of stikken kwoarste-koeke hwer hy den mar 't maeste sin oan hie.

Okke sîn mêm woar widdow, mar nimmen hie hjerby maer forlen as de graette jonge, dy jit sa hwet naet laerd hie.

't Gjit faek sa in 'e wrald, dat min wol hast sisse scoe : krekt as 'er gjin Heeger Bestioer ur alle dingen maer is, in noait maer is in minske 'er ta in staet om sa to tinken, as just den hwennaer de goede foar de tsjoede skint hweinommen to wurden !

Sa wier 't hjir ek. Elts sei, do baes stoar : Och, hwet wier dy man jit nedich hwet by- in in sin spil blieun to habben om dy jonge !.... in den loek min de skalders op in sei suchtsjende-hwei : Né, né, min kin 'er net by !

't Wier krekt as min sisse woe : 't Is oas : „To ier !” By neuer insjen, to minsten dy 'et sjen woe, moast min sisse : „To let !”

Okke wier sa 'n moai wiid in rom libben hwind , in no hjea gjin bakkery maer hieen, kaem er al rid'lik gow ur 'e buren dat er, sa hy om boadskip nwtstiurd woar , altid rûnom fen gnibbe in pluwse.

Aerst wier soks under 'e jonges , mar do soks maer siuin woar in alhiel in 't aeg rûn , krige 'r al skielik for goed de namme fen Okke Pluwser , in hadt dy oan dis' tiid ta ek altid halden.

Okke woar alder in graeter , mar net folle wiser. — Wol hie er oan sin olfde jier ta nei skwoalle gien , mar no wier hy al fiftsjien, in hie in al dy tiid, fiour jier lang, net jamk in boek in 'e hinnen nomd, lit staen fen 'n pin, om reis to skriewen. Lûkwol, lesen in skriewen handige him beide ek mar tige min ; hy wier ek al, as 'er maer binne, „to ier” by master hwei komd.

In in hiele bulle dingen wier Okke oas altid mar tige foarlik hwest : tige mûlrip : oan 'e skwoalle-doar ta smoke of , 'n graet prûmke efter 'e kjissen ; by-de feinten op 'e harne staen to wiis praten in 'n steil wird to dwaen , in

sa mar foart; quartom: In 'n hopen dingen wier Okke  
mar fjirs „to ier” oan 'e slach !

As 'r sa ïn 'e hûs reis ûr praet woar, hwet Okke wurde  
scoe, den woar min fen him troehgaens net fôlle wîser,  
om dèn hie er dit, — in dèn hwer dat ïn 'e hölle.

Dèn hie 'r sin oan timmerjen, den oan 't weinmeitsen,  
den hwer oan 't kûpjjen, in op 'n oare tiid woe er hwer  
'tsmeyen laere. Ek bardde 't wol reis dat er sin oan  
boer wurden hie op sîn menaer, mar sîn omke, dy der  
sa om 't hirdsje wol kaem, in der ek wol mei him ûr  
dwaende wier, seî reis op 'n kaer: „Wol ik mêm reis  
sisse hwer Okke sin oan hadt in kart boppe allens? ...  
Hy mat mar rintenier wurde, dat seil de baes wol wêse!

Mogelik wol, omke, seî mêm in liet in sucht. (Okke  
glûrke reis bisich ûnder 'e pet hwei in lake ïn 'm sels.)

Mar, mei tinken, mem! seî omke fjirder, fanke, wol jy  
wol liouwe dat Okke mar al „to ier” wit, dat mem jild  
had? ... Der steunt dy jonge op! Dat stîpet him ta  
in libben fen naet dwaen!

'Et dûrre den ek net botte lang of omke krîge fen  
Okke sîn mêm tawird om de jonge mar reis goed oan te  
setten.

De bakkers-ûn wier hy sa aeng fen as fioer; no, dat  
wier naet.

Omke seî: De jonge hoeft ek net to laeren hwer hy  
profoars gjin sin ïn- in gjin oanlis for hawt, né, my tinkt  
dat is forkaerd.

Hwet de heit wier, hoeft de soan derom altid net to  
wêsen, der siucht min letter wol reis 'et forkaerde fen.

Okke kaem den by in timmerbaes ïn 't Gae as laerjonge,  
Baes Doede, sa h jitte dy man, scoe de jonge tige oan-

sette, in, lik as 'k letter fornaem, hawt de man ek goed sîn bêst dien, in 'et mei Okke op alle bûgen probjerre.

Mar hwet wier 't gefal? Okke koe him mar net forbielde dat er de mindere wêse moast; hy miende net, dat er in laerjonge wier mar sette 't al gow tsjin baes in 'e kânt.

Baes Doede wier tafallich in man dy, sa min den wol seit, hwet al to quart oanbûn wier, dat is to sissen: hy foël hwet hastich in wier egentlik in man dy er net for in 'e widselein wier, om sokke jonges mei gedild in riucht forstân to stiuren.

As Okke den reis mei sîn stîve kop trochstriek, den woar baes mal, in koe de man sa breinroer wurde, dat er by geliks in stik hout of hwet mar et neiste by him leî naem, in dermei om 'm hinne raege.

Sa krige Okke op 'n kaer reis in tige wânnie tsjin sîn boppeein oan, dat er ûr't ein truwsele, gong nei hûs, fân by mêm lyte, in kaem net hwer by baes Doede in 'e timerwinkel to lânnie.

Okke wier 't baes wêsen hwind, in makke, mei tadwaen fen mêm, mar al „to ier“ in ein oan sîn laertiid!

Letter kaem er by 'n oare baes to Moezegae op 'e slîpstien:

'k Mat sisze, dat 'k der net safolle fen hjeard ha, om 'k liouw, dat et hjir in allens hwet better gong.

Viif jier letter.

Okke Pluwser wier no in feint fen lik genôch 20 jier.

't Stoe no sa: Okke scoe baes wurde to Snippelhûsen. In mem-, mar foral in sîn egen aeg, wier er troch 't fak!

't Wier den ek op lêst sa: Meî in goede masters feint koe min 't ek al fier bringe tocht him; sa tocht mêm ek, 'n derom: dat gong oan!

Sûn omke hie 't hjar oas al wakker ouwret, mar, der holp net oan, 't plan woar tröchset, dy woar ïn dit stik sen saken net hjeard.

In fiks boargerhûs woar koft, mei 'n tige lape grûn'er by; der woar in baes timmerwinkel op set, om 't spil seoe ïn 't graet tröchset wurde.

No, wy scille reis sjen ho as 't gong.

---

In 'n amery hie baes Okke, om, sa woar hy no den naemd, in ûnbîdigen droktme.

Hy flaech him op sîn menaer hast hael ûr 'e kop in hwist, to minsten sa seî er, hast net hwer hy aerst of lêst wêse moast.

Der woaren feinten oanhelle, d' iene by d' oare. Okke arbeidde al mei seis feinten, in jit hie er net genôch!

In nye opropping woar ïn 'e krante printe, forskate kaemen opsetten, in mei gowëns hie baes Okke in keppel feinten ïn 't wûrk fen hwa wit ho graet!

In 'taerst wier 't allegjerre halje terwalje; jonge, jonge hy hie sa 'n wîn ïn 'e swîpe!

As min him gaen saech, wier 't krekt as er saôn man de jermen ouwslaen seoe, in inkelden, dy net folle fjirder saegen as de noas lang is, begongan 'er al fen to praeten dat, baes Okke scoe de oare timmerlju ïn 't Gae allegjerre wol ïn 'e bek nimme.

Loekwol, disse makken 'er hjar net mâlle ûngemak'lik ûr, om, hjea wisten by ûnderfining, hwet 'et ïnhalde „baes“ ta wêsen; in tochten by hjar sels: Lit him mar wrotte; 't seil 'm wol gaen krekt as de maitsen ïn 't spek:

Okke is- in h jit wol baes, mar hy is „to ier” baes

Scœ min der op ouw kinne, as min lju sen ien bidrieuw  
sa ûr eltsoar præten hjeart ?

No frieunen , my tinct, net altid, om 't gjit gow reis  
sà: 't bít de iene hoen de kiel uwt as d' oare in bonke  
hawt , in den wirdt er reis hwet sein , oas net ? Den  
bin' wy wol reis hwet „to ier” ïn 'e baen mei uws oar-  
diel ûr in oar !

No, de tiid seoe 't hjir ek al hwer laere,

Okke hie in bulte ditten in datten to dwaen , forskate  
karweiën hjir en der to berürjen, hwent och, ho gjit dat,  
nyü bieseems feye skjin !

Sadwaende hieën de oare beide baesen ïn 't Gae 'r ïn  
'e aerste opslach al hwet skaed fen, mar, dat gjit sa.

Baes Doede tocht : De lju matte aerst mar reis sjen  
hwet wûrk er makket, de neiklap komt sen sels.

No, 't wier sa : Hie Okke net to folle ïn 't wûrk , hy  
bie to minsten net to min.

Okke wier jit jong in ûnbedrieun. Lîk as wol maer  
fen sîn jirren, hie er by tiden ek al genêch wilde hîjren  
ïn 'e nekke. Okke fielder him , foral no hy baes wier,  
hwet al to ienlîk , in socht derom fölle dy plakken op,  
hwer de jonge fammen net allinne binne to fînen , mar  
hjar ek wol graech reis fen 'e moaiste sîde sjen litte.

Dat gong fen d' iene merke nei d' oare , mei 'n stik  
bûntgûd op 'e sîde, sa hird as 't koe.

De masters-feint moast mar oarders jaen in rânom op  
tasjen.

In dy tiid hie Okke oas ek op 'n ny boere-hûs skrieun.  
Hy wier de leegste skriewer , in 't wûrk woar 'm tasein  
for /12,000 gûne.

Okke wier sels boêkhalder, in teikene op sîn menaer  
allens wakker eptich op, mar ho folle fûgels as 'r ûr 't  
net flaene liet, dat wist er sels net !

't Koe ek wol net oas. Sîn skriewen gong sâ by hae  
in by gês, dat by einsluwten koe hy 'r kop noch stut  
aan fine.

Sîn boask mei de faem, der hy mei to merke tein wier,  
rekke hwer uwt, dat, do de simmer sa hwet to 'n ein  
wier, stoe baes Okke ek hwer op skjin pompier !

De minsken seiën dat Okke no de holle maelde , om,  
sûnt dy tiid wier hy hast nae by honk in socht sîn traest  
mei 'n stikmennich frieunen by hospes Gouke in 'e „Wite  
Swân.“

No, dèn wit men wol ho 't gjit !

't Kaem mei Okke soms ek al rare brûk forinoar, hwent  
faek is 't bard dat er nei de faem scoe in by einsluwten  
in 'e herberge to lâinne kaem.

Aerst wier hy „to ier“ nei sîn sin, en den woar et hwer  
„to let.“

Mar no matte jimme witte, dat wier de koal net ! Okke  
hie dy faem al lang uwt 'e holle set, och haerink, der tocht  
er net iens maer om !

De measte minsken tochten er den ek oas ûr, om, dy  
Okke riucht koe in him fen jongs ouw al kind hie, wist  
wol better !

Okke hie altid al in wîndere bruyer hwest ; hy hie  
altid al in 't losse helter rûn, de wrald oansiûn for in  
spîlhûws in 't libben for in grap !

'k Wol net sissem, dat in jong minske gjin wille habbe mei,  
dat in feint of faem in sîn- of hjar jonge jirren net reis in  
grap habbe kin ! 'k Wol 'r net mei to kinnen jaen, dat

et jongfolts nae reis in fit uwtriuchtsje mei, in him halde mat as alte knuwselders, dy altid in 'e potkas sitte to stinnen in to grinen, né, fier fen dat!

Nocht in wille hjeart by 't jongfolts thuws, mar rûnom is in miet fen, in der in ek. Derby is 't den ek så mar : bern mat bern blieuwe in net in graette lju's skoen staen !

Dat stjit net, dat mei net, den bia hjea „to ier” in 'e baen !

Så wier 't mei Okke. — Jonge ja, hy wier jit mar 16 jier kin 'k jimme sisse, in koe 'm mei 'n mik wol skaere, do flaech er al fen d' iene faem nei d' oare, sa hird as 'tkoe.

Mar den hawt er de noas ek wol reis staet ! — Sa kin 'k jimme sisse, is 't reis bard dat er op in sneintojan nei Pieter Theunis Witske stoep, in faem fen 'n goed 20 jier, mar dat kaem raer uwt ! — Ho dwest er 't ek weagje !

Ja dat scoe min sisse, mar de moed komt faek fen wând're plakken !

De jûns acht ure siet er al by Pieter Theunis om 'e kagchel mei 'n sigaar in 'e hölle.

Hy siet midden in 'e feinten, in die in tige steil wird. Mar dy hieën 'm gow in 'e lampe. In lange piip woar him jân, de dop, et tebaks-fetsje in 'e kofje, allens krige 'r tagelik, mar dat gong wol rid'lik.

Okke wier alhiel net fen jister.

Einlings woar 't bêd tiid.

't Folts gong urein, in Witske makke et kofje-gûd skjin.

No die Okke de driste skoan oan, in se: „No Witske, ik kaem om dy, scoest dat wol tinke ? Dat kin fest wol wurde net ? ....

Hearink, ho scoe 'k dat tinke kinne ! Dow komst' om my ? ... dow ! ? Ho komst' er by ! ? Skeelt et dy in 'e plasse ?

Bist net jünich feint ? Wurdt er net tisich !? 't Is  
al let, 't wurdt bedtiid for dy !

Dat 's no neat allegjerre sej Okke, dow wolst' in grap  
habbe, dat hhear ik wol, mar ik freegje dy Wits, as 'k  
ek by dy blieuwe kin jün ?

As 't net makkest' datst foart komste, andere Wits, den  
bring 'k dy jit in 'e rufsten !.... Sa 'n flarde !... Hwet  
skeelt dy ! dow bist ommers jit net iens druch efter 'e earen !

Okke liet him net maklik ouwstegejerje. Hy bekke in  
kaekele mar wakker tsjin, dat der kaem gjin ein ten.

't Skinde wol dat et Pieter Theunis, Witske hjar heit,  
forfeerde om, dy kaem uwt 'e keamer setten, naem Okke  
effen hy sijn lurven, sette 'm de doar uwt, in strick dy  
op 'e skoattel.

Uwt wier 't !

Ho Okke do hwer thuws komd is, wit ik net, mar dit  
wit 'k wol, dat et in deales opskür troch 't Gaejach onder 't  
jongfolts, in 'r in sankje op makke is.

Wol jimme 'treis hhearre ? Ik hab et om 'e aerdiechheid  
reis ouwskrieun do 'k in dy tiid by uws pake 'n hjarre  
to Snippelhuwsen uwt fen hûs hwest bin. 't Wier sa :

Ho is 't no, ho is 't no ?

't Kael wurdt daed'lik mar in kou !?

Bin de tiden sa' foroare,

Dat in pîk, just uwt 'e dop,

As in hoarne set sijn krop ? —

Ne, dat is oas yet gelîk,

Mar et kin derom wol brîk ;

Tink den mar oan Okke Pluwser :

Dy gong al nei Pieters Wits,

As wier hy ek jong en lits !

Leave sei, Leave sei,  
 't Gjit er langer mâl oan hwei !  
 Wîtske wol naet sen him witte :  
 Fammen, jinme ha gelik,  
 Stiûr sök gnöb mar op 'e dik !  
 Efster 'e aren jit net drûch,  
 Twisken seis in saônen slûch :  
 Bring se liouwer ïn 'e ruften !  
 Hald mar ien dy fryë kin,  
 Feinten bin' er naet to min !

---

Sa gjit et frieunen, mei gûs dy sa foarlik binne. Hjea jowe hjar ïn 'e kjeld, in ringen priket et hjar ta de han-  
nen uwt.

Okke hie no in huwshalding.

Hy huws manne mei 'n moai jirrich faem , mar dy hie by him gow hjar noct.

Hjea makke „to ier“ maaye, lîkm' allinne omdat hjea altid allinne sitte moast in by him gjin aerdichheid oan hjar huwshalding hie.

Forskate fammen ha sa foar in nei by him winne, om, hy jûch d' iene om d' oare , in sadwaende kaem et ek , dat er folle gûs ïn tsjinst hie, dy hjar egen spul forrinne îtten hieën, in no op 'n oar sîne's passe scoeën.

Mêm hie mar 'n hopen spil mei de jonge , om , dèn wier dit er to dwaen in den dat. 't Kaem al skielik sâ fier hinne, dat 't ald sloof gjin wille maer ïn 't libben hie.

Okke lei hjar to nei oan 't hert , om ûnforskillich ûr him to wesen : „hy wier lîk as hy wier , mar hy wier dogs hjar jonge in hjea sîn mêm.

O, 't alderhert hinget sa ûr de bern, dat witte hjea net hael. Der wurdt jest mar in bîtsje fen siûn as se alder in hwet wîser wurde, mar allinne field, as heit in mêm pake in beppe binne of wêse koeën !

't Gerop sen de lju wier Okke sîn mêm danich ïn 'e wei, om, dat wier mar naet minder as: Okke sîn spil stoe fordraid, — Okke scoe wol baes ouw wurde, — de kaeplju scoeën him wol oanpakke, — sîn boek stoe forkaerd, hy liet wol fiif tûwsen gûne op 't nye boere hûws sitte, — hy koe gjin hout in stien maer to boarg krye, — de feinten dieën hast naet, mar pûlfinken mar hwet om, — de masters-feint rûn mei him wei, — de opsichter by 't nye wurk wier him foël in die him alle skaed oan, — de baesen ïn 't Gae sochten him to anderwrotten, in sa mar foart.

Ouwgrîslik, et gong er sa troch.

Der wurdt in bulte pract, in allens kin min lang net liouwe hwet er sein wurdt, mar as immen sa op jan in alleman's tonge komt, den is er maest ek al hwet fen oan !

Okke sîn mêm sniet den ek in bulte practsjes oan 'e kânt, dy den ek net folle maer wieren as praetsjes, mar allens koe hjea net fen hjar smîte, ûnmogelik !

Hjea hied to folse ûnderfinning, in koe oan in hopen dingen wol sahwet neîgaen, dat et mei Okke allegjerre net riuecht ïn 'e haek wier, om hy rûn hjar et hûws hast fen 't steed om jild, den hjur for in den der for. — Hjea wier sa fier hinne: hjea woe 't no hast wol liouwe dat Okke „to ier“ baes wurden wier, altaest, hjea hie 'er nûwd mei.

As min Okke oas saech, den scoe min sisze, dat er naet wier to dwaen; hy wier fleurich in wol, in hie, sa

't like naet brek. Mar, is 't net wier, min siucht in minske  
fen bûten in wit net hwet der fen binnen omgjit !

Hy hawt derfn wol hwet fen 'n fiûrberg, dy fen binnen  
faek roum'lig, — fen bûten moai mei griente bewûchsen  
is, in by tîden sîn galle uwtpuit.

—

Tryö simmers wîeren om , in jit wier Okke baes. 't  
Wurk wier net better wurden, mar dogs, hjea hieën hwet  
pielen.

Och , dat gjit sa ; 't is d' iene kaer reis hwet slopper  
as d' oare tiid, in bûten dat , et wier ek winterdei , de  
wier no oas ek net folle to forstrîken.

't Uwtwurk koe net aan dien wurde ; gûd klaermeitse  
in 'e winkel, dat wier allens.

Mar, hwet wol 't gefal. 't Wier in 'e Maert, et seil my  
nae forjitte : Op in goede moan kaem baes Okke net in  
'e winkel, lik as min wind wier.

Min tocht, hy seoe wol hwet poartrich wêse , lik as er  
in 'e lêste dagen wol maer wier , in dat er derom hwet  
lissen bliouwe woe. Mar hwet bardt :

Hommels komt de faem in 'e winkel flaenen , in seit ,  
alhiel foralterjerre, dat hjea baes roppe seoe , — dat hy  
hjar net andere , -- dat hjea do reis op bêd kîpe — in  
dat leech fûn hie.

Naene koe hjea him fine !

Der woaren alderhande gedachten makke, mar ien fen  
'e feinten tocht : Baes seoe wol ta de efterdoar uwtgien,  
in neî sîn mêm ta wêse. Der sjen, mar né, der wier hy  
ek net ! No kaem er opskoar !

Sikje, 't hiele hûws tröch, om hûws in haer, röppe,  
mar gjin andert!

De wethalder Reinders jûch de ried, om mar by de  
sljetten lâns to fiskjen. Dei in, dy uwt woar 'er fiske,  
mar gjin Okke. — Seis dagen wieren om, in jit wier  
baes net to lâinne.

Nimmen koe him bigrîpe, ho dit wier.

By keppels stoe min by 'n oarre, in praette ûr 't gefal.  
Ja, seî Tjître uwt 'e tîpelsteeg, min meî 'er folle ûr praette  
of in bîtsje, in 'r fen tinke hwet men wol, et is nog mar  
ûnbegrîpelik for uws allegjerre; hwa wit of wy 't wol iens  
wîs wurde, ho 't egentlik is!

Elias is ek al hwei wurden, in nae hwer fûn, der lëst  
min fen, in bûten dat, de Haere gjit mei uws faek in  
wûnd're wei!

Nimmen seî er hwet op, mar min glimlake reis, om,  
min wist uwt hwet hoêke 't kaem.

Der kaem Taeke Jans aan flaenen meî 'n hiele alterasie,  
in seî: Wol 'k jimme no reis hwet ny's forhelje?

'r Is fen 'e moarn in brief komd aan Dominy uwt Ant-  
werpen alhiel, fen baes Okke.... in der stoe in... dat  
Dominy... koe 't om sîn part wol ouwroppe... fen 'e  
preêkstoel, dat baes Okke... al op 'e oceaan drieuw...  
op reis neî Amerika... in net fen plan wier... om  
hwerom to kommen! — Dy er hwet op tsjin hie, koe de  
kop mar klouwe, sa stoe 'er.

Elts harke mâl op.

No, Tjître, seî ien uwt 't selskip, dat 's al 'n wûnd're  
wei ja, mar as 't sà kin in mat, den wit 'k 'er net fen!

Dit ny's flaech et Gae tröch as diggelfiûr, in hiele Snip-  
pelhuwsen stoc hast op ien ein; elts hie de mûle 'r fool fen!

Forskate wieren 'er ûn 't Gae, in hjir in derre, dy by de bult fen Okke ha moasten, mar no ek by de bult by 'm ûnskeaten.

De hiele boël, hwet er wier, woar oan jild makke, in elts, dy hwet ha moast, koe in scoe him mei fiftsien op 'e hûnderd mar tofreden stelle.

Derfen kaem swart op wît, in uwt wier de grap.

Okke wier „to ier“ — in de skildeaskers wieren net op hjar iepenst hwest, in derom ûn ienen „to let“ ûn 'e baen!

Mar et minste fen allens wier, sîn mêm, dat sloof, hjea forgong as stof ûn 'e sinne.

Tsien jier letter.

De timmery fen Baes Okke wier fen sels oërgien ûn fremde hânnen.

't Hûws woar no bewinne tröch in kaepman in nôt, dy dan tagelik ek wol die ûn wöl in flaechs.

De timmerwinkel wier wakker foroare, in tsjinne derfor ta pakhûws.

In 'e aerste opslach wier Okke op allemans tonge; 't wier omtrint et begin in 't ein fen 'e dei; min gong er hast mei lissen in mei opstaen, quartom: et wier Okke hwet de klok slûch!

Mar, lk as mei alle dingen, de tiid forslet dit ek al hwer.

Allinne dy lju, hwer Okke 't mei hawn hie to dwaen, in de formîje 'r fen ûn 'e bûsse meinaem, siet dit et langst saer ûn 'e mage.

't Iene jier forân efter 't oare; allinne tröch dy brief wist min, dat Okke nei Amerika stritsen wier, mar oas hjearde min tael noch teiken maer fen him.

Allens wier as forgotten ; allens gong hwer sîn alde gong , in nimmen tocht om Okke maer , of 't moast reis wêse dat et ûr sokke dingen to praet kaem , hwer Okke jit reis by ophelle woar !

Allinne 't ald minske, Okke sîn mêm, koe him net forjitte.

Hwet hawt hjea krîten om hjar jonge, om hjar bern !

Hwet liet hjea by deî in by nacht in trjinnen falle om Okke !

Hjea rôp him by de namme, mar Okke hjearde 't net ! Tiden aan ien koe hjea in hjar sels sitte to mîmerjen, in tocht allens neî, ho 't hwest hie , ho 't wêse koe in ho as 't no wier !

Nachten aan ien , koe hjea net sliepe. Fen wur'gens foel 't minske in 'e moarntid wol reis in 'e slöm, mar slâch hommels ek hwer de aegen iepen trôch rare droomen.

Altid stoe Okke foar hjar ; altid pakte hjea mei him om !

Lîk as 'k niis seî : De tiid dogt allens hwet forjitten, mar jit, — in no wier 't al jirren lîn, — jit bardde 't net jamk, dat hjea for ien of twa ûre in 'e nacht , in wink in 'e aegen krîge !

Min koe 't hjar oansjen.

Oas plotsk in raed fen wangen , in sa glânsich omtrint as 'n jongfaem, wier hjea no bleek in infallen fen troanje.

De kreften gongen efteruwt.

Al 'n jier of 'n tryë oanien hie dokter der de rin, mar 't holp naet.

De swirrichheid ûr hjar jonge hie, in halde de boppe-toan.

Min woe habbe dat hjea in tarring wier. 't Lîke 'r ek wakker op.

Tsien jier wier forrûn , sùnt Okke 'r op ouw taeg , in  
ek ïn 'e maitid sen dit tsiende jier wier et libben sen Okke  
sùn mêm forrûn !

Jit op hjar stjér-bed rôp hjea lûd op : Okke,... Okke!..  
mîn jonge!... ik ... forjow et dy!... Okke!... in —  
hjea stoar!

---

't Wier nei in moaye deî , de jûns twisken tsien in 6lf  
ûre. 't Fjild wier wît fen 'e douw. As 'n snieblanke fluurs  
hald' et allens ditzen, as wier 't in tekken, hwer ûnder elts  
lei to rëst.

Allinne de heegste punten koe min sjen. Bjemmen  
skîmeren, de dakken fen 'e huwsen kîpen 'r just boppe ,  
in de toer blonk ïn 't laeve bleeksilveren liocht fen 'e  
moane boppe alles uwt! 't Stjinâltje, dat ïn 'e klosgatten  
sit, lit sùn ientoanich getoet hjeare, dat fier ûr 't Gae-in  
ïn 'e rûnte klinkt.

Ienlik, mar mei harstige stappen komt der ien de sân-  
weî op.

Hy komt Snippelhûwsen neiér.

Hy blieuwt reis staen, in siueht om 'm hinne, mar gjit  
ek hwer fjirder.

De Heegebûrren komt er del.

Riucht uwt, riucht oan, op et hûws ta, hwer no ïn trye  
wike net ien winnet, hwer gjin liocht barnt, hwer doarren  
in finsters sletten binne.

Hy kloppet reis oan, mar nimmen docht iepen. — Hy  
mompelt ïn 'm sels.

Hy haldt oan, mar 't helpt net; de doar is ticht in  
blieuwt ticht.

Hy nimt de swai neî de „Wîte Swân.” Der barnt et liocht ; de höspes is jit op.

De man, dy wol in reisiger lîke to wesen, meî hwet in fremd uwterlîk, freget in krûkje bier. Nimmen kin him.

‘t Is as de mûle him tabûn sit ; de wirden woeën ‘er net uwt, hy koe gjin praeten betinke.

De höspes makke al reis in praetsje, mar hy andere mei quarte wirden.

Mar no freget er aan de man, as de widdow fen Hindrik Okke’s der jit op ‘e ein fen ‘e Heegebûrren winnet ?

Né, man, né frieun, is ‘t andert, dy hawt no krekt tryë wiken op ‘t tsjerkhôflein ; kin jy dy ? ...

O God, ja ! ... dat is mîn mêm ! „To let !” „to Let !”  
Ik ben forlén !

Hy loêk him sels in ‘e hjirren, in stampfoete, as wier hy net goed tîge.

Do de aerste buî hwet ûr wier, makke de man him bekind.

Hy wier Okke, dy for ‘n jier of tsien te Snippelhûwsen timmerbaes hwest hie, in kaem uwt forlegenheid hwerom !

Hy flaech hastich de doar uwt, op ‘t tsjerkhôf ta, stoe hy ‘t grêf, as wier hy oan ‘e grûn spîkere, skriemde graette trjinnen, mar, ‘t holp net : hjar mûle wier no sletten, — hjar aer hjearde ‘m net ! Mêm lef der !

‘Et wier..... „to let !”

De höspes bêdde him dy nachts, in d’ oare moarns stoêp Okke er ier in betiid hwer op ouw, om hy hie no naene rêt noch doêr.

Nei ‘t sissen sen him sels, scoe er tsjinst nimme op ‘n skip, om sa hwer ïn Amerika to kommen, in ‘t lîket ek wöl dat soks him slagge is, om, in goed frieun hjirweî,

skriewwt ûr him oan sîn formfje, dat hy Okke siûn in spritsen hawt, mar net in bêste omstandigheden.

Sa min seit, rint er der et fjild tröeh in by de hâwsen lans om jeften to freegjen.

Okke hie fen allens to min laerd

Alde hûnnen 't bîljen to laeren, dat gjit net best; dy tiid wier for him al lang forby, derom, et wier no „to let!“

In minske dy neîtinkt,

In goëde ried docht,

Dy hawt hjir op ierde

Wol wille in nöchit;

Mar dy hjir fen bern ouw

Fen strîden net wit,

Dy hobbelt de wrald tröeh,

In bringt him in 't swit

For al hwet naet opsmît!

Hwent is 't oas sa net?

Dèn komt min for altid

„To Ier of To Let!“



As min dat sa 'reis neigjt, in 'er om tinct, hwet fölle  
minskē wakker hiem hawwe, den hjeare wy sa ringen  
immen in 't preat hwei, jit al jamk 't selde neamen.

Sa 'n wird of wirdmennich past den ek rounom twisken  
in in by, of liouwer, 't wurdt sa hwet rounom by to pas  
makke, 't hadt den skik of gijn skik, — dàt leit foaroan  
op 'e tonge in glîdt 'er ouw for men 't wit.

Sa seî *Master Doede* fen *Spikerhûwsen* al fölle in 't preat  
hwei: „De drommel zal je hale!” in *Dominy Klopstok*  
uwt dat *Gae*: „Ja, om zoo te zeggen, bijvoorbeeld ik zal  
't je zegge!” *Hindrik triéneager* fen *Klaibärren* seit al  
fölle: „Der 'k sa 'n wird om sis!” *Doarwearder Snap-*  
*hoarne*: „Zoo zuiver als mijn gewisse.” *Taets boljager* :  
„Sa wier as 'k swyë kin.” *Gaele Harntjes de Wethalder* :  
„To sissen, nei mân dom forstân,” in uws omke fen *Blom-*  
*megae* wier 'r altid wakker mei besibbe dat er seî: „Der  
sit de knoop!”

Sa bin 'r jit gouw reis minskē, dy, by al 't jinge hjea  
sisse of forhelje, in fest sprekwird ha.

Sprekworden bint 't, mar net altid wurde hjea brûkt sa  
as 't wol riucht pas jowt, in ek hawwe alle sprekworden  
net allike folle om 'e hakken!

Ja, der bin 'r gûs, dy net iens sa moai binne, in in 'e  
mûle fen 'n fortsoenlik minske net passe, dy near fen 'n  
rouwe uwtröp of flök hawwe, as de namme fen sprekwird  
fortsjinje!

Sokke haw 'k hjir no net iens neamd, om, min hjeart

soks mar al to faek by de deî laôns, in derom woe 'k se no mar net opekkerje.

Mar, hwet ik sisze wol: fen al dy sprekwirden hadt 'r my ien al fölle ïn 'e holle omspîle, dat fen uws *Sjouke*-om fen *Blommegae*.

Net allinne, omdat dat wird sa rík oan tinkbielden is, mar ek foaral wier 't de oanlieding hwerom- in de tiid hwerîn hy 't sei, my genaôg om 'r hwet oer to praten.

Sa wolle wy 't den no reis hawwe oer 't sprekword fen *Sjouke* om:

### „Der sit de knoop!“

Elts fen jimmen wit wol, tink ik, hwerecarne *Blommegae* leit, om, dat leit hjir sa fier net ouw, mar uws *Sjouke*-om kin' jumbe net, ried ik, om, hy hadt der jit net sa botte lang wiinne.

Hy is forlîne jier fen *Tangerbûrren* kommen, in hadt him to *Blommegae* delset. *Sjouke*-om is 'n man fen by de sechstig jier, in hadt, lîk as 't al fölle mei liouwe fen dy jirren gjit, gâns ûnderfoun, to minsten as men sa hwet ïn de wrald hin' 'n hwer slingert.

As min altid weinjen blieuwt der min to wrald tein is, in min heite hirds-hoeke hast besmîte kin, is der sa fölle kaôns net op.

*Sjouke* om mei graech reis immen by him hawwe, in sa keam 't den ek, dat ik 'n hoart by sîne's hwest ha uwt fen hûs.

Ho is 't no, sei 'k, meî *Sjouke*-om hjir to *Blommegae* no liouwer weinje as to *Tangerbûrren*?

Ja heite, seïer, ik bin hjir fry hwet better to plak liouw 'k, as derre, to minsten, et falt my net sa ûneardich oan.

't Lïket my dochs altid jit hwet fremd ta, andere ik, dat Sjouke-om 'r ta oergien is, om der hwei to gaen! — In egen spil, egen hûs in lân, in den sa geriflik alle-gjerre, — 'k wit net, — as ik 'r wol sa gouw ta oergien hie! — Ja jonge, dat seiste wol, seï Sjouke-om, in mei keam 'r op 'e texst om my dat klaer to meitsen.

Oan mân trettsjiende jier ta, sa begong 'r, haw 'k in Grinserlân forkeard, om, mân alde liouwe bin' 'r hinne tein, doe 'k in lîtse streuper wier.

Hjea hienen der' hwet egendommen, in sa slagge 't dat wy der keamen.

Lâkwol, in mân trettsjiende jier keam uws heit to stjernen, in mêm, dy mei my, op 't spil der wy winnen, dochs net folle opjeiê koe, forkoft dat, in sette hjar del to Tangerbûren, der hjea ek fen dinne wier.

Uws heit hie jerder trouwd hwest in hie fiour foarbern. Ik bin ien uwt sîn oarde houwlik.

No uws heit forstoar, dienen dy fiour foarbern hwet hjea koeën, om 't measte to kryën. Elts for oar hie swarch dat 'r by de krapp' ein rekke, dat hjea strûpten uws mêm 't fel hast oer 'e nekke!

De foarbern hienen, nei de daed fen hjar mêm, uws heit sîn aerst wiif, doe hjea trouwden in mûndich woaren, hjar moërs-kapteal krîge, mar no uws heit stoar, wier 't feârs kapteal ek to heljen, in skrepten hjea de neilen om-trint fen 'e tjennen om der efter to kommen.

Ien fen allen koe op 'e begraffenisseï de mûle net iens ticht halde, foar 't lik to hôf brocht wier.

„Stil vrienden! sei Dominy, stil!

Laat ons eerst het eene doen, en later het andere niet nalaten !

Wij zijn er allen ten volle van overtuigd dat wij 't heden met stoffelijke dingen hebben te doen en tevens geroepen worde om aan iets edelers en hoogers te denken, dus, vóór alles is het dus onze dure roeping, zich daaraan te wijden, en tevens is het ouzen pligt, zich naar regels en wetten te schikken, — zich dáárnaar te gedragen !

Domeny koe 'r hast net by komme, in hie mar tige droktme om oan 't wird to blieuwen, sa keffe in kaekele mân hjelsister ; dy raop al fölle lüder as hjar man dy den oes 't wird dwaen seoe.

Mar dochs, by einsluwten keam 'r stilte, in die Dominy van Kluwten in goed wird.

Ik wier mar 'n jonge fen stiif trettsjen jier, mar sîker, 't gong my mal genôch.

't Wier krekt as 'k doe by my sels al field : Dit jowt gjin pas !

Dit hjeart sa net !

't Goede sjogste, sei uws Sjouke-om, 't goede blieuwt by 'n minske noait by 'n efter ; as is 't mar in bern, in sa gong 't my doe : Hy makket in alle dingsigheden in alle ameryen underskie twisken goed in tsjoed, siuchste, „Der sit de knoop !“

Doe allens den ommaeld in elts hwer sa hwet goed to stûl in to bank wier, stoe minhear oerqin in sei mar quart in bûndich hwei, dat nimmen him om 't ierdske ûngemaklik hûfde to meitsen, mar dat 't him goed foar keam, om sa lang to wachtsjen mei dy dingen, dy wy joed foarâl as bysaken hawwe oan to sjen, in dat lionwer letter to bepraten, as 't tiid is.

Nimmen sei hwet, mar uwt de soere gesichten in 'n stik  
of acht flikkerjende aegen makke minhear al op, dat de  
Notaris et net mei de nochlikste to dwaen krige.

Der woar 'n bâtsje preat; nimmen sei hwet as Dominy  
of ien fen 'e frieunen moast 't sa hwet oan 'e gong halde,  
om, 't jild „der sit de knoop!“ dât spile uws foarbern in  
'e holle om, folle maer as 't forlies ten hjar heit!

De frieunen skaten, winsken uws mêm 't beste nei om-  
standigheden in lieten uws mefinoare efter.

Seis wîke letter kamen wy hwer byinoarre. Doe keamen  
de boeken iepen!

Minhear Munt, de Notaris, sette de boël sa goed uwt  
'n oarre as 'r koe, in partte elts sîne's ta.

De iene saech al op 'e oare, krekt as hjea sisze woeën:  
Krye wy net mear !?

Mar de slimste bui wier jit bi'n efter!

*Minhear Munt* lies foar, dat *Minne Sjouke's*, om sa h jitte  
uws heit, et by sîn libben sà makke hie, dat ik as nei-  
kommling in bernepart sen hjarre's bôppe dien hawwe  
scoe, in den foart mei partte lîk as d' oaren.

Dat hienen hjea to tankjen mast' tinke sei Sjouke-om,  
omdat hjea nei hjar mêmme daed uws heit sa trîktrakken,  
in him 't libben soer makke'n, derom rekke'n se no hwet by  
de krapp'er ein! 't Wier laen for ûntank. „Der sit de  
knoop!“

't Gong rear op 'n tsieren in kettermintsjen in harre-  
warjen, mar dit wier 'r mar fen: mei alle bîten in klouwen  
krigen hjea net maer, in by einsluwten strûsden in stik  
of acht lilke höllen de doar uwt, in krieten uws mêm  
uwt, as wier hjea gjin turf heech!

Noait scoeën hjea uws hâs hwer binei komme, in hjea

drîgden uws mêm omtrint mei moart in braôn !

Sa forhelle *Sjouke om* my 't ien in 't oar mear, ho 't 'r  
în *Tangerbûrren* om ta göng, hjar weinjen in foartgaen  
der' in sa mar foart, dat ik tochte by my sels doe 'k  
hwer thus wier :

Dy noait tofreden is mei 't jinge

Oeralde jowt, dy hadt in krus !

In kin hy him ûn bochten wringe,

Der helpt net oan : hjir is 't net plus !

De „Laefde“ fliucht mei aernewjukken

Fen uwt 'et hert, hwer skraapsucht sit,

In folle goed wit uwt to pjökken

By him, dy 't kwaed bôt fierc lit.

Den springt de „earbied“ faek op krukken,

In „ântank“ rint de breedte wei ;

Den docht elts mar sîn reare nukken :

As 't kin, der freget min net nei !

In hweruwt is dat to forklearjen ?

Is 't net de „wraldsin,“ dy de hoop

Hadt, om uws all'gjer to regjerjen ? —

'k Sis 't *Sjouke om* nei : „Der sit de knoop !“

*Sjouke om* is, lîk as ik al jerder sein haw, in man fen  
by de sechstich jier, derom, hy begjint al jirrig to wurden,  
mar 't is gjin alte graônser, dy altid op 't selde omeamelt  
in jeuselt, né frieunen, hy wit sahwet rounom oer to praten  
in kin ek sahwet rounom mei oer prate, om, hy is ûn 'e  
earste plaets, in man fen folle ânderfîning, in derby hadt  
'r in skoan forstaôn, dat ûn sîn jonge jirren tige op 'e  
slîpstien hwest is.

Boppe allens, is 'r ek mei sîn tiid foruwt gien; ja minsken, jimme kinne 'm net, mar jimme scoeën 'r nîget oan hawwe, as jimme 'm reis praten hjearden, mar dat net allinne, ek ûn sîn dwaen is 't in krasse kearel. — In sîn bouwerye is 'r klaer, dat sis 'k jimme; hy pakt de groun oan! Hy brûkt sîn ark in ek hînsteflesk, to sis-sen: ûn dy tiid is 't sîn bisten oan to sjen dat hja brûkt wurde, mar derom krye se wol hwet! Der hwet ouw komt, mat ek hwet ûn, seit Sjouke-om den, in sa is hy net allinne mei de bisten mar ek mei de minsken in mei sîn laòn! De dong in modderkarren wurde by him wöl bruikt dat sis 'k jimme, in hy komt ek net mei de for-kearde sek op 't laòn, lang net hjer!

„Der sit de knoop,” seit Sjouke-om den, in wy sisse 't him nei frieunen: „Der sit de knoop,” hwerom feak de iene sa folle by d' oare foruwt gjit! „Der sit de knoop,” hwertröh folle hânnen wark fine in 'n goed deihier for-tsjinje kinne! „Der sit de knoop,” hwertröh de smid in weinmakker hjar ridskip brûke matte.

„Der sit de knoop,” hwerom de Sjouke-om's de göllen fool krye in oaren net!

„Der sit de knoop,” hwertröh in ald man ûn de for-uwtgaende tiid so mennich jonge boast yet laere kin! „Der sit de knoop,” hwertröh foroardiel oan 'e kaont skopt wurdt tröh liouwe op hjar jirren ûn plaets fen stiif-koppich al hwet ald is oan to hingjen! „Der sit de knoop hwertröh in minske net staen blieuwt der hy stjit, allinne omdat hy laerd hadt foruwt to gaen! in einlings frieunen in frieundinnen, „der sit de knoop,” hwertröh in jirrich minske gjin ânnut in forfelend ding op ierde wurdt for him sels in for oaren!

No seoeën jimme wol reis tinke kinne frieuen in frieunden, of altaest gûs uwt jimme, dat ik hjir in Sjouke-om immen op 't eag ha , dy , ja wol gjin forfelend man h jitte kin , mar dochs in 'e groun in wrotter in wramer is ; — dat wy 't hjir mei immen ha to dwaen, dy oanfîtere wurdt lîkm' allinne tröch sucht nei winst, in dertröch sîn spil behertigt hwerta hy in oar brâke mat ; — dat 'r by him oas net fölle to finen is , as flaenen in jeiën nei 't jinge de pongen fool makket, né minsken , sa is et net !

Wol is hy tige tûk op sîn spil , mar der is ek tiid ; in oar wurdt by him net sloopt ; elts hadt et by sîne's goed, as et mar gûs binne dy foruwt wölle.

As de jowërs de bêste binne , den matte wy by him net wêse, om, jeften komme der net jamk foar.

Oeralde, hjir boppe uws, jowt uws ek, seit Sjouke-om, mar wy matte 'r om arbeidsje !

Siuch minsken „der sit de knoop,” hwerom as Sjouke-om döcht, lîk as hy döcht!

't Mat uws net benyë as 'r minsken by de fleet in sîn Gae fown woaren, dy mei in nîdich eag op 'm del seagen, wol, dat gjit ommers jit sa by de deî lâns ! — De Sjouke-om's frieuen , wurde fölle bepreat , in alle lek en brek wurdt oan hjar foun ! — Sokke liouwe wurde op 'e wrald mar 't maest oer 'e hikkel helle , in hwer sit him dat dochs in ? Oas naene as dèr in : Der binne jit altid op 'e wrald mar to fölle minsken , dy net riucht begripe of begripe wolle, hoe de Graette Opfierder et mei uws mient, in, omdat hjea Him in Sîn dwaen net fetsje , wurdt sîn dwaen in litten ek ouwkard , dat wol et maeste mei dat fen Oeralde oerien komt : Siuch minsken , „der sit de knoop !”

„Der sit de knoop!” Ja, „der sit de knoop” ek, hwerom hy goēman uwt Tangerbûrren taeg!

De nîdichheid in ouwginst hie by sîn hjelbrûrren in sisters alhiel de oerhân, in dat woar jit namste slimmer, doe hjea seagen, dat et Sjouke-om foruwt göng ïn 'e wrald!

Ek oaren wieren 'r rieuw, dy him de foet dwers setten, lîkm' allinne trôch ouwginst.

Dèn woaren by nacht sîn hikken fen 'e dammen smîten, dèn woar 'r in pead makke oer ien fen sîn greiden dat net by hûs leî; dèn woaren 'r in rêst fen sîn einen daed kneppele, dèn sîn koalstrije ïn 'e braón stitsen, in sa mar foart. Ja, wier dat slimste jit, den bruide 't nog hinue om, for sökke dingen wier jit riucht to fînen, hwerom 'r ek al reis 'n paer ïn 'e bak rekke'n.

Mar der wieren oaren ïn 't Gae, dy 'r better op beslîpe wieren, om him ïn 'e wielen to rîden of to dwersbommeljen.

Sa bardde et reis op 'n kear, dat 'r forkaeping wier fen 'n paer stikken lân, hwer fen 't iene stik deun aan Sjouke-om's hiem lei, in him derom wakker paste. (t Oare stik lei ijirder uwt 'e reek.)

No wier 't fen sels, dat elts wol tinke scoe, dat Sjouke-om der wol efter woe, in 't net gouw farre litte scoe, derom moast men hwet fjirder sjen as de noas lang wier.

Sa tochte Knillis Reinders ek, in gong 'n paar dagen jerder nei Sjouke-om's ta, om 't meî him oer to lissen, op hwet menear 't wol et bêste wêse scoe.

No, hjea prætten den wiis in wol onw, dat Knillis Reinders scoe de man mar wêse fen allens, in den dât stik, as hy 't krîge, aan Sjouke om oerdwaen.

Sjouke-om scoe al op 'e forkaeping komme, mar et al

ridlik gow slûpe litte, sa seî Knillis, besparrest dou 'n bulte, hwet se dy oas ta de bûs uwt jeië.

Sa sein, sa dien, mar hwet wier 't, doe allens ommaeld wier liet Knilles Reinders sîn namme troch de Notaris for beide stikken opskriewe, in Sjouke-om koe 'r op sjen!

De man wier lûkwol wiis genaôg, om 'r gjin graet spik-takel oer to meitsen, mar seî daed bedeard tsjin Knilles Reinders: „Ik haw dy kinnen laerd heite, as ien, der ik net maer mei omgaen mat; siuchste: „der sit de knoop,” et egen ik drieuw, lik as by folle minsken, ek by dy fier boppe eare in dengd, in hwa dat „ik” altid op et eag hadt, is 'n vos gelîk dy mei slûk-slimmens al 't jinge him goed tinkt binadert, mar er naet omjowt hoe as hy 'r oan komt.”

Op sa 'n menear bardde 't gow reis, dat men Sjouke-om et libben in Tangerbûrren soer makke, in woar et oantal frieunen ho langer ho lîtser.

Mar, scille jimme wol tinke: Sa wieren se dochs alle-gjerré net? Né frieunen, der wieren ek oaren. 't Wier in Tangerbûrren ek al lîk as oeral: der wieren goeden in tsjoeden, mar bûten dat is 't iene Gae der folle slimmer fen as 't eare, in koe men fen Tangerbûrren hast sisse: Hjea bin' allegjerre fen ien lape skoard! 't Gae stoe 'r ek for bekind, dat de minsken 'r tige los in mâl wieren, om, de herberge woar der folle maer besocht as de tsjerke.

Ik wol no just net sisse, dat mei tsjerkgaen allens goed is to meitsen, né fier fen dat; om, sa komt my hjir by in 't sin fen Melle in Griet, dy gaene alle sneinen twa kaer nei tsjerke, in dochs bin 't in paer reare stikken husried, dy mei eltsoar, — noch mei immen oas oer 'e

wei kinne. By hjar is 't sa : Seis dagen ïn 'e wîke dîvel-dei,  
in ien sa frõm as appelsmôts, to sissen : for 't eag ten oaren.

Mar dit blieuwt 'r fen oer, in elts kin der op oan, dat  
et mei sâpers in herbergrinders al fölle hjir op uwt drait :  
„t Hert wurdt kald, de hölle hjit in de pöng plat !”

Siuch, seil 't goed gaen, den mat, net op inkelde tiden  
in dagen de mûle ïn ploai is 't oas net , mar by de deî  
lâns jins libben roun in riucht wêse. Derom :

Waes frõm in froed ,  
Opriucht in goed ;  
Net sounder noed,  
Mar dochs fool moed !  
Der Heeger Hân  
In 't fremde Lân  
Op sé of strân  
Jin haldt ïn stân ! —  
De wraldsin is  
Wöl fêst in wis,  
Et wît hjir mis  
Fen hwet ik sis :  
Der dy as laëst  
Op immen raëst ;  
(Elts wit dat baëst)  
't Rint ienkaer faëst !  
Smît derom hwei,  
In doch net mei  
Fen hjûd de deî,  
Hwer kwaed ïn lei :  
Den libje wy  
Fen ounraëst fry,  
Sa rom in bly,

As hwer op ny !  
 Om, 't is mar sa :  
 Leit hy of hjea  
 Er him op ta,  
 Så kin min 't ha !  
 Mar dy sîn hert  
 Op wîldsang set,  
 In oas ek net,  
 Dèn is 't to let !  
 Om, 'k sis den mar  
 Rounuwt, hawar :  
 't Is id'le hoop,  
 „Der sit de knoop !”

---

Is 't wier, lîk as uws rîmke seî :  
 Smît derom hwei,  
 In döch net mei  
 Fen hjûd de dei,  
 Hwer kwaed ûn lei ;

et is ek krekt sa wier , dat men tröch et neilitten fen  
 hwet goed is in aebel, net op et riuchte pead is !

Sa wist min ûn Tangerbûrren wol dit in dat op et touw  
 to setten , mar altid göng et hwer uwt as in eintsje kes.

Den hadt 'r net folle goeds ûn sitten , of et hadt faëst  
 net folle om 'e hakken hân, scille jimme wol tinke frieunen.

Ja minsken, sa tochten de Tangerbûsters ek, mar freegje  
 reis : hwer hienne hjea dat hwei ?

Komoan, ik seil 't jimme sisse.

In dy tiid doe uws Sjouke-om om 'r winne keamen  
 inkelden meiinoare oerien om in ding op to riuchtsjen ta  
 ouwkaering fen braòn.

Minhear Splint sette et op 't touw, in liet tröch Wybren Fetmerker, dy al fölle sökke akkefitsjes hie, rounisse, om op sneuntojoun om 7 oere by Meinte's ûn 'e herberge byinoarre to kommen.

Graet seis oere siet minhear Splint mei Sjouke-om in 'n stiktwa oaren al by Meinte's boppe, in wachtte de tiid ouw dat 'r maer keamen.

Dat woar hjelve saonen, mar nimmen wier 'r jitte. Dat woar 'n ketier foar saonen, mar jit dage nimmen op! — Minhear woar al oungemaklik ûn 't lif, seach reis op sîn haloge, in seî: Dat is voor 'n duivel bij zeven, en nog is 'r geen sterveling te zien!

't Is warempel om paur gek worden te doen! Is mij dat ook blijven! ? . . .

Bederje minhear, sei Sjouke-om, bederje, rin net to hird! 't Binne boeren dy wy hjir ouwwachtsje!

Hjea sitte faest jit aan 'e potstrowpanne, de mage is jit net fool!

An de postrowpanne, grommele minhear in 'm sels, an de potstrowpanne! 'k Denk 't wel! . . . 't Verstand zal eerst weêr weg eten wurde, dat heb 'k wel in 'e mot!

Wil 't minhear dat seî, in sa in him sels grommele, keam 'r geskommel ounder by de treppen, in, jawol, in 'n amery wier de keamer hael fool in sette minhear in troanje as hied 'r in lûk uwt de Heagsche lottery kryge.

Doe elts sa hwet goed to stoel in to bank wier, in 'n romer klaere for him staen hie, gong Minhear Splint oer-ein, in spriek op disse menear 't folts aan:

Vrienden en medeburgers!

Geachte vergadering!

Eenige van de notabele ingezetenen van Tangerburen

en mijn persoon, hebben zamen eene commissie gevormd en zijn onderling overeengekomen en hebben besloten aan de geachte vergadering een zaak van groot gewigt in overweging te geven, tengevolge waarvan men over punten te beraadslagen zal hebben, die in een daartoe door ons opgemaakt Reglement zijn vervat, om alzoo langs dezen weg tot een gewenscht resultaat te komen in het belang van allen die hier tegenwoordig zijn.

Minhear wier jit net iens goed uwtpreat, of 'r stoejin-sen op 'e oare ein fen 'e tafel al in moai tsjûkke breed-skouderige fint oerein, in foel minhear ïn 't wird. — Mar hoarre's, sis, houreis hwet dat gjit sa net!

Hwet wöl minhear! Jow bawne 't wird hjir joun lîkme-allinne liouw 'k; hwet is 'r oan 't handsje, sis 't mar gow sounder folle ombalen: is 't de moeite wurdich, oas gaen 'k hwer foart!

Ja, grommelen in stikmennich oaren: „Oas gaen wy ek foart!”

Minhear wier troch dy lompe uwtfal al hwet uwt 't fjild slein, in seï: „Wij zijn hier, teneinde te overwegen, om bij voorkomende hooibroeijingen en onweders brand te voorkomen, vooreerst door het plaatsen van afleiders op de schuren, en ten tweede door het aanschaffen van een brandspuit ons te vrijwaren, teneinde, voor zoo ver mogelijk brandschade te voorkomen of zelfs het uitbreken van brand geheel te beletten. Door het plaatsen dezer afleiders vooreerst..... minhear woe mear sisse, mar no foel *Winsen Sjoerds* ïn 't wird in seï: Mar hou, dit gjit fêst net goed! Seil dat ding et haëbroeyen ek kaere? Der haw 'k jit noait fen hjeard! 't Hjit den al dat de tónger der op ouw skampt,.... mar haëbroeyen!...

„Heb 'k dat gezeid! ? Nu, dan heb 'k my versproken,  
seî minhear, in himmele dat hwet op.

't Was ons te doen, zie je, sa gong minhear fjirder,  
om in 't belang van ieder in 't *bijzonder* en ook in 't  
*algemeen* afleiders te doen plaatsen op de schuren, ten-  
einde zoo respectievelijk eene zaak hier tot stand te bren-  
gen ten algemeenen nutte.

Uit dat oogpunt... minhear scoe mear sisse, mar no  
seî *Pieter Gourrits*, in boer op sîn egen plaets :

In 't wolnimmen minhear, hoare's: uwt dat „oogpunt“  
sis jow, mar uwt dat oogpunt sis ik, mat elts, tinkt my,  
mar witte hwet 'r wol.

Ik wol my to minsten net forbîne, in 'k seil 't nimmen  
bilove, dat 'k sa'n ding op mîn hûs ha wol; der bin 'k  
forearst sels beas fen, in ta 'n oar sîne's wol 'k net jean!

„Maar vrindje, seî minhear, men mag toch wel ten al-  
gemeenen nutte iets tot stand brenge, al is 't dan ook,  
dat daartoe eene geldelijke opoffering wordt vereischt.“

Dat is allegjerre goed in wol, andere Pieter Goarrîts,  
mar sa as de foarke hjîr ïn 'e stalle sit, den bin 'k 'r  
net fen thûs!

Ik seil gjin turf ïn 't faen bringe hjer, tink derom!  
As jow op jow plaetsen in for jow hûsen sökke dingen  
ha wolle, my goed, mar ik betelje der net ta!

Minhear Splint hie der 'n stikmennich plaetsen ïn 't  
Gae, mat jimme tinke, in wier ïn alle dingen altid sâ hwet  
fen eard: „As hy 't mei 'n oar sîne's rîdde koe, brûkte'r  
sîn egen duiten net.“

„Der siet de knoop!“

Om quart to gaen: Dit jûch der dy jouns in gehaspel  
in gekaekel fen wânder, mar minhear keam net ta sîn wît.

Der keam bird tsjinwar fen alle kanten, mar inkelden halden hjar earst stil, om hjea moasten mei gouens ek hwer inhiering meitse, in hwet minhear den better mutse op hie, hwet er better wier to brûken !

Minhear stoe al oerein mei 'n graet stik pömpier in 'e hân, in woe mar perfoars ha, dat elts der sîn namme onder sette scoe.

Mei praten in hwer praten woaren de höllen hjit, om de höspes hie mar tige drök rinnen in draven, om 'e romers fool te halden. — 't Wier sà fier hinne : Skiedam hie al hwet mei to sissen, in hoe as 't dèn gjit, wit min wol.

Elts raôp ringen allike lûd, in minhear sîn boeren krîgen ek hier om 'e tösken ! Hjea begongen 'r ek for to staen, dat sis 'k jimme, in jûgen naet maer om minhear !

Lit my reis prate, balte Oene Theunis boppe allens uwt, lit my reis prate !

Sa 'n ding... w... w... witjimme hwet, sa'n ding... e... e... 'et is mar 'n ding, in oas naet ! — No barstte 't hiele selskip uwt fen laitsen, elts lake dat 'r sködde, in minhear, hoe likl as hy ek wier, draide him om, in lake in him sels.

Einlings keam 'r hwet stilte in hjirsen makke minhear brûkme, om den dochs reis goed to witten to kommen, hoe as men oer et ding tochte.

Minhear slûch mei de hammer op 'e tafel, oerein, in sei, Vrienden, hoor reis : Laat alle dingen met orde geschieden. Ik wenschte toch wel eens grondig te hooren hoe of men over mijn voorstel denkt, die er iets tegen heeft, of bezwaren heeft in het midden te brengen, mag daaromtrent vrij zijn gevoelen te kennen geve, dat zal 'k niemand kwalijk neme !

Nimmen seî hwet. — 't Like wol dat elts hwet forbûke wier. — Mar jawol, op 'e oare ein fen 'e tafel stoe *Jurjen Hanse's* oerein mei de pet ïn 'e hân.

Hy seî: Minhear, in alle frieunen dy hjir byinoare binne!

't Leît net ïn mân eard, dat 'k de herberge fôlle besikje, der blouw 'k oan diss' tîd ta for biwarre, in bûten dat, hwet der to kaep is, kin 'k thus wöl krye, mar no 'k oansissing krige, awt namme sen Minhear, dat 'r disse joun in bilangrîke sekak wier to besprekken, foun 'k my ek röppen, om hjir hinne to gaen.

Lûkwol, 't komt my foar, dat et broose stof hjir al hwer steunt op egen kreft; — dat 'er in plân makke is sounder opsjen nei Heeger Bistioer; — dat et in stekken is neî de lôft, as woeën wy nietige woarmen sisse: „Wy scill 't hjir ounder wol rôdde!“ 't Komt my foar..... Hy woe jit maer sisse, mar minhear woar sa kûgels, dat 'r seî: Ja, en 't komt mij voor, dat 'r maar 'n einde an de zaak mot weze!

Met klagen en opzien komen wij niet verder!... Wat denke de andere heeren er van? Ek sa, ek sa! klonk et de keamer tröch, in elts neam sîn romer leêg in marsch hjer, by de treppen del!

In 'e underkeamer sakke'n se byinoare In stik of acht bliuen sitten, in doe de earste buï hwet oer wier seî ien fen allen:

„Ik bin 'r sen oartsjûge minhear, dat jow 't tige bêst foar hawwe, in 'k liouw, dat ik elts sîn miening uwtsprek fen dy hjir sitte, as 'k sis, dat et jin op sökke tiden mar to fôlle oan wirden mangelt! Wy hawwe den sa gjin kreft sen sprekken, lîk as minhear, mar ik bin 'r al fen

begjin ouw oan foar hwest ; altaest, onderwei hjir hinne,  
tocht ik sa by my sels, et plan fen minhear tige to stijpen ;  
mar lik as ik sis : Min doar den net riucht !"

Minhear fieldde wol , uwt hwet koker dat dit keam , in  
snoarre nîdich hwei om him hinne, tröch to sissen :

„Wanneer 't een goeije saak geldt, moet men altoos durven,  
dan komt durven juist te pas, en 'n goeije Fries doet 't ook !  
Is 't niet 'n allerbelangrijkste zaak en niet 'n heerlijk  
ontwerp , om in ons dorp een brandspuit te hebben en  
nog bovendien de voornaamste gebouwen te voorzien van  
afleiders ? . . .

Moest men niet samenwerken om zoo wel het een als  
het ander tot stand te krygen ? . . . Wat meer is, klonk  
zoo iets niet door het veld , en zou het niet tengevolge  
hebben, dat men allerwege zei : Ja, te Tangerburen daar  
wil men iets en daar kan men wat ! ?

Nimmen sei hwet, om, elts siet mei in mûl fool töskens,  
nimmen koe folle sisse in hjea dwosten noch minder.

Sjouke om bêdde de boel hwet del in sa woar 'r in bi-  
sluwt makke om op 'n oare tiid reis hwer byinoarre to  
kommen, mar nei hwet better beried.

Hy hie 't minhear Splint oas al wakker uwt de hölle  
praet om dy töngerleider der net by to hawwen, mar der  
wier gjin helpen oan , in 'k wol wol liouwe dat dy set  
de hiele boel bidoar.

Nimt mijn to folle hae op 'e foarke , den falt 'r hwet  
ouw in sa gong et hjir ek ; mar dat wier 't net allinne !  
Né , de iendracht in iensgesintheid ontbriek 'r ek alhiel  
inal , in derby woe minhear Splint et iene tröch 'et oare  
goedkaep meitse , in sa wear et iene mei 't oar bidoan !

Om mar to sissen sa 't is, den wier 'et de unhandig-

heid in hab sucht fen minhear aan d' iene kānt, in et foroardiel in oanforstān aan d' oare kānt, hwertröch allens in 't wetter foel. „Der sit de knoop!“

Och ja, sa gjit et wol maer in 'e wrald, dat is sa, mar in Tangerburren wier 't der al hwet slim fen!

Soks stoe uws Sjouke-om altid wakker tsjin de boarst! Hy wier in man mat' jimme tinke, dy oas in 'e wrald foruwt woe in ek graech seag dat 'r in 't Gae, hwer hy winne, hwet bestoe of ta stān keam, hwer foruwtgong in wier to sjen.

Mar hwet is 't gefal? 't Is jamk al sa in 'e wrald hwest, in 't is jit mar al to wier, dat goede bidoelingen in 'e wīn slein, — in 't jinge hwer nut in sit, forsköpt in fortrape wurdt.

—

Dat de neiste hūnnen jin wol reis et fūlst bīte, söks woar Minhear dy jāns wol gewear, om, doe 't sa fier wier, dat de höllen hwet ligt begongen to wurden, woaren 'r sīdstikken snein dat de omstikken 'r nei flaegen.

Mar no mat ik ek sisse, dat er gūs under dy boeren keamen, dy in 't oanstaende jier de skūn for minhear al op 'e hakken hieën, doe hjea forneamen dat hjea mar op-skikke koeën.

Minhear Splint hald' him earst wol unforsetlik, mar einlings seî 'r:

Mannen, hoor reis: „Wij zullen 't deze maal maar weer wat schikke, want 'k wil geen kwaad met kwaad vergelde, maar leer van mij — en onthoud dit: Geef eere wien eere toekomt, zonder te vleijken om iemands aanzien

of geld , door te denken : Die man moet ik voor oogen houë om mijn voordeel of om tot mijn doel te geraken , neen, geef ieder het zijne en mij het mijne, want 'n goed woord vindt altijd 'n goeije plaats ! —

Ik wil 'r alleen dit mee te kennen geve, dat lompheid en onbeschaamde driestheid geen plaats moeten vinden , en vrijmoedigheid nimmer in vrijpostigheid mag ontaarde !

Mei disse les göngen hjea hwer hinne , in as hjea 't for goed oanneamen wit ik net, mar dit wit 'k wol , dat 'r letter forskate wieren , dy de mûle net hwer sa wîd opskoarden.

Hie uws Sjouke-om 't ek mar sa rôdde kinnen, den hie 'r hwet maer wille ïn Tangerburren hân ; mar der siet naet op, hoe as hy goêman ek mei sîn hjelbrûrren in sisters libje woe , in hwet hy seï , 't wier allegjerre bûter aan 'e galge hjear.

Dat wier den ek et jinge mei , hwerom hy nei Blom-megae taeg.

By 't ouwskie nimmen swarge sîn bûrman, Fedde Jans, mar tige fen 'm ouw , om dy hie in krûs ïn 'e hûs , dat him by tiden swier fûl to dragen , mar tröch Sjouke-om ligter makke woar.

Dy wist 'n hopen ûngemakken del to bêdsjen. in as 't pas jûch , goede ried to jean. — Mar Sjouke-om hie 'r oas gjin nocht oan, om ïn 'n oaremans spil om to rieden, né, hy seit altid, lik as ek wier is , elts hadt tröchgaens al oan sîn egen maer as genôch, mar „der siet de knoop” : twisken Fedde in Sits wier laefde byspil hwest , in hoe as 't dèn gjit kin elts wol riede.

Derom hie de man mei sîn bûrlju net folle wille, mar 'n hopen lêst.

Fêdde Jans, mat jimme tinke frieunen, hie ek al, lik  
as 'r inkelde maer binne, him blîn sjân op 't jild.

Hy wier oas net sa 'n slim man, goed sen oppassen  
in dwaen, mar ûn dy tiid, doe hy om 'n wif sochte, him  
ek al genaôg op 'e rûntsjes forgappe.

't Wier sa mar: Gûs mei breed efter 'e earen moasten  
't wêse, oas wieren se net goed, in sa keam 't den ek,  
dat et mei Fêdde in Sitske sen Harmen Andle's ta 'n  
trouwen keam.

Mar o fy, hwet hadt dy blûd him jamk beklage, om,  
no hie 'r wôl jild, mar for gjin haele cint wille ûn 'e wrald! —  
Sits is sa: Kefje in kaekelje tsjin de bern, altid ketter-  
mintsje, in as de man ûn 'e hûs is, tsjin him oansitte.

Den is 't in gejeusel in gesanger in 'n getsjirm sûnder  
ein, krekt sa lang as Fêdde de holle alhiel oranje wurdت.

„De wetten stelle,” der is 't hjar om to dwaen, in as  
hjea hjar sin net kryë kin, den is 't aerme lyën oan 'e  
göng. Kin hjar hoarne gjin kening kraaye, den gjit appell-  
smotske op bêd in wurdت op hjar menaer alhiel siik, om:

Fêdde, hjar man, is hwet gôl in hwet goed,  
In hawt mei 't wifke hwet hiel folle nûwd:  
Oeh, den wurdت Sitskmoei sa swak in sa taer,  
In wurk docht hjea al ûn tiden net maer:  
Hjea leit der hjea leit, in hjea sit der hjea sit,  
Hjea hinget in wjirret, as ien dy swier lit,  
Hjar pîperich lûdsje kin nimmen forstean  
In krûpt hast et hûs trôch ûnplaeis fen trôch gean.  
Oeh jow my hwet wetter mûn bop'ein docht saer,  
Min krus is hast stikken, dat draecht my pas maer;  
Mûn kûten dy stekke, — fen kramp krimp ik hwei!  
Hwet sit mei der Fêdde? — toe, siueh er reis nei;

Bin 'k der net hwet tsjok ? — Hoe is 't mei dat wang ?  
 Ja sîker, et wurdt my by tîden to bang !  
 Ik mat mar hwer lisse, mîn ginst hwet bin 'k rear,  
 Hwet rûst my mîn hölle, as wier der ûnwear !  
 Sûrdai mat ik hawwe ; — kom meits et gow klaer,  
 Mîn nekke dy docht sa ouwgrîslike saer !  
 Et stekt my trôch allens, ik wurd oas jit flouw !  
 Toe Fêdde, meits foart dochs, toe Fêdde, toe gouw !  
 Dow litst my mar lisse, dow jowst 'er naet om  
 Of stoar no jûn jit, den woar 't for dy rom  
 Is 't oas sa net sokses ? — Mar 'k sis 't dy foarouw,  
 Den spookje ik by nacht, jit, sa bist 'er net ouw !  
 Dow woest' wol in oaren, dat wit ik sa klear,  
 Mîn jild is dy goed oas ? — mar my wolst' net mear !  
 Dow glûrkest' forgees net sa frieunlik tsjin Trûn,  
 Hjea komt mar by jûntid ta d' efterdoar ïn !  
 O, koe ik hjar hawwe, ik klouwde hjar blûn !  
 Mar 'k wit wol, — dou slachtste mîn preat ïn 'e wîn  
 In haldst dûn bistek mar, om my jowst de skop,  
 Ik bingje my sîker sen swirrichheid op !  
 „Och wîfke, seit Fêdde den, waës net sa rear;  
 Der is mei dy, fanke, gjin grevel gefear ;  
 Hoe jowst' dochs sa'n spil uwt, ik wit net hwet 'k mat !  
 Kin ik et den helpe, as 't dy rûnom smert ? —  
 Ik flaen in ik jei my hast hael uwt 'e lîk,  
 In rin my by dokter in d' aptheeker hast brûk !  
 In gaen ik nei stêd ta, den wolst' ommers ha  
 Dat 'k twich hwet meinim, — in 'k trieuw 't dy hwer ta ?  
 Mar 't goeddwaen, ik siuch et, et jowt my maer naet,  
 As smiet 'k et jild efter uws hûs ïn 'e faert.  
 Ik knoop et touw óp hjer, der kinst' dou op oan,

'k Haw 't al to lang tûrre, dou bisr' al bidoan !  
 Dèn sâker mei wetter, hwent oasom is 't net,  
 Dèn wurdt dy in aai ïn 'e kofje beret ;  
 Dèn hwer hwet bon-bon for dîn slîmerich boast,  
 Of huning to slikjen, for haesens of豪ast !  
 Dèn kryst hwer hwet bûter, ïn plaets fen hwet fet,  
 Of wurdt 'er hwet iel stoofd, of fisk for dy bret !  
 Oan pîperemintsjes hawst ek nae gjin brek,  
 Om allens wurdt helle for dîn swiete bek !  
 Swiet' mölke kinst' drinke, ïn plaets fen hwet thee,  
 In wolst' dat net near ha, den stiet for dy reê  
 In romerke wîn wol, hwet wolst' den ek maer ?  
 Om, nimmen ïn 't Gae hawt 'tas dou, dat is klaer !"  
 Haw ik dat to tankjen oan dy kaele hâns ?  
 Och och, laeve trettsjen den wier 'k 'er mei lâns.  
 Moast ik et fen dy ha, — et graët woar mîn plak !  
 Hwet preatst dou fen dingen, — kry ik mîn gerak ?  
 Allinne kin 'k sitte, in sâch 'e op taen,  
 In kry ik hwet oas reis, den siuchst dou al skaen ;  
 Mar jaank bist' nei Meinte's, tink dou der op nei,  
 Hoe komst den hwer thûs, — komst' net dronken der  
 hwei ?  
 Dou keartspilest ïwich, dîn hûs bist don skouw,  
 By hönk kinst' dy halde, as 'n hasse oan 't touw  
 Hie ik net hwet jild hân, den wierst' ommers naet,  
 Mar no bist in banjer, in no haldst dy graet !  
 O, kûgels kin 'k wurde, mîn blâd fliecht oerein,  
 'k Hald naet maer bi'n efter dat's ïwich forsein :  
 Ik seil oer 'e bûrren fortelle fen dy,  
 Fen wît in fen swart in fen ald in fen ny !

Och wifke, seî Fèdde, hwet bist dow hwer maôl,  
Dow bringst' uws hushalding alhiel hwer ûral :  
Om, sa lang seilst' preate, dat 't my rint uwt 't rûr,  
Mar rekkenje dêrop, in meits my net pûr !  
Hwent dën slean ik allens hjir quart nog in klien  
Om, as 't brein my trôch rint, den jow 'k om gjin ien !  
Mar 'k scil my bederje, in hald my mar stil  
Op hoop, dat 't fen sels wol hwer betterje scil. —  
Sa snoarret den d' iene de oare mar ouw,  
In kryë s' op elsoar mar tige 'et grouw ;  
Mar dit is de seak, in dat is 't beloop ;  
Hjea trouwden om 't jild, in, — „der sit de knoop !”

---

Sa keam Sjouke-om 'r den wol reis in, in rûn hjar wol  
hommels oer 't mat, as hy reis nei Fèdde's ta seoe to jûn-  
pîseljen ; mar den wier 't tröchgeans gouw hwet besliuchte,  
om hy koe dat altid sa moai eardich in oarder preate.

Lûkwol, sôkke dingen bin' lêstich.

Hie de man no oas hwet maer wille hân, wol, den hie  
hy 'r net nei omsjân ; den hie 'r him der hwei halden.

Hy keam 'r no ek al net sa feak, mar dochs twisken-  
beiden wol, om, in minske wol dochs wöl hwet ha, is 't  
oas sa net ?

Elts sîket sîn oanhald in elts sîn fortier , in sa göng  
'et Sjouke om ek.

Hie de man in wiif hân , den hie by der sîn oanhald  
maer oen hân, mar né, dat wier 't gefal net. Sjouke-om  
is jit ald feint, in hûshaldt mei 'n moai jirrich feam , dy  
ek al forskate jirren by him winne hawt.

Hy hie gjin froulju's flesk oan him sa 't like, in 'r net fôlle slach fen mat jimme tinke, om mei sok bûntgûd om te gaen: „Der sit de knoop !”

Der wier oas in gaerkomste in 't Gae, in selskip, dat et „Winternocht fen Tangerbûrren” h jitte. — Dat selskip wier oprinchte trôch Sjoake-om in 'n stikmennich oaren, in sa 'n ding wier oas for him in hiele laefhabbery.

Dat „winternocht fen Tangerbûrren” wier den ek sîn eagappel, om in 'e earste opslach gong dat tige cardich. Forskate keamen 'r om 'e fjirtsjen dagen opsetten in hjearden nei 't jinge der foarfûl.

Dèn wier Dominy in dèn master Klopstok reis oan 't wird, dèn Sjouke-om of minheer Splint, in sa inkelden maer, mar 't wier al gouw sa: Heit in mêm blieuwen thûs in stioerden hjar bern 'r hinne, in ek oaren blieuwen 'r alhiel hwei. De nysgjirrichheid wier foldien: „Der sit de knoop !”

Sadwaende woar eltse kaer de keamer net iens haelfool, in dy 'r al keamen, wieren to graet for 'n skûdel-doôk in to lits for 'n dweil !

Boppe allens moast min den jit oansjen, dat 'r in rest by de graette pomp omhoenkelden, in der de tiid to 'n ein brochten mei alderhande ouwwaide preatsjes, in de leugenbank op 'e lange brêgge woar ek tige besocht.

Dér die Marten Heins, ien dy by tiden reis 'n deimenich under wetter wier, den 't wird; der woar lichd in lake dat 'et reasde; — dér woaren unskiklike preatsjes rûndield, hwerfen 'n fortsoenlik minske in ouwgrîs hawt; in hwet maer is, dér woar flokt, dat jin grise oer 'e grouwe göng!

Marten Heins wier sa hwet et pukje, dy koe 't den sa moai sisse !

Der hjearde elts hast nei : Jong in ald , graet in lits ,  
in — hwet koe 'r sen 't „winternocht“ ouwrinne litte !

Sangerige brypotten , drûge sîpelsekken , sliouwe kînsens  
in mear sôkke nammen jûch 'r oan 'e lionwe dy der sa  
hwet 'et wird hieën .

Oer sôkke dingen bisouwde Sjouke-om him den sâ , dat  
hy feak mei 'n trien ïn 't eag 'et oanseag , hoe bynei 't  
hiele Gae de ûnearbarheid in wîldsang karde in for leaf  
neam , boppe ûnskildich formeits in snieblanke deugd !

Sa neam et „winternocht fen Tangerbûrren“ in ein ,  
om , „der sit de knoop“ wraldsin in döm foaroardiel hie  
de ûrhân in spile der de beas !

Sjouke-om kaerde den ek Tangerbûrren de rêch ta , in  
winnet no to Blommegae , hoewöl mei sîn lek in brek ,  
dochs ïn 'n mear foruwtaende Gemeinte . —

Rûnom in oeral is goed in tsjoed meînoare ïn strîd ;  
oeral dyt et ûnkrûd , in drîcht hjir in der de goede plantjes  
boppe de holle to groeyen in to ûrmasterjen , mar de tiid  
bringt mei , dat et liocht sen beskaving elts maer beskînt !

O eabele tiid , hoe tankber kloppet jins hert for dy ,  
hwerîn „Anderrincht“ de wioerder is op et graete fjild  
sen kiunis in beskaving !

Dérîn sjögge wy uws wît , — uws takomst , — derîn  
sjögge wy uws lök !

„Underriucht“ in „Opfierding !“ eehtpaer , trouwd for  
't alter sen witnis , care in deugd , mei dat de hânwîser  
wêse op jins hwei !

Dérîn is foruwtgong , dértröh ûrwinning ! Ja sissey wy  
mei Sjouke-om sen Blömmegae : „Der sit de knoop !“

## T a j e f t.

1. Hwa is de foarsjönger sen 'e kikkerts ?
2. Hwet is moarn, in hwet seil jister wêse ?
3. Hwet Romein is 't maest bekind ?
4. Hwa binne to wrald tein in nae stoan ?
5. Hwet is net riucht, in dogs gjin kwead ?
6. Hwa sit oan 'e earen ta ïn 'e skild ?
7. Hwer smakket de wîn 'et bâst ?
8. Nim er hwet ouw, in 't wurdt graeter ; dög 'er hwet by in 't wurdt lîtsen ; hwet is dat ?
9. Oer hwet hweî wurdt fölle spritsen, der dogs nimm'en 'er op rint ?
10. Hwer is de himmel nea blouw ?
11. Hwer gjit min ïn, as min tsien jier ald wurdt ?
12. Hwet hier hawt de moaiste seam ïn uws Lân ?
13. Hwet kjessen barne langer, litsene of gettene ?
14. Hoe fier kin min ïn elts bösk oprinne ?
15. In hökker flesse kin min neat jitte ?
16. Hökker ljue bin' 't maeste gastfry ?
17. Hoe fölle mesken matte 'r oan 'n ouwbreide hoas ?
18. Hwa laert net in kin dogs alle talen sprekke ?
19. Hwet underskie is 'r twisken  $2 \times 2$  in soerkoal ?
20. As 't 'er is, is 't net plus, is 't 'er net, den is 't ek net goed. Hwet is dat ?

21. Hwet boêk kin net neiprinte wurde ?
  22. Hökker dierespil wier alhiel ûn 'e haek ?
  23. Hwennaer lket in boer wakker op 'n gâns ?
  24. Hwet wöl elts jongfeam graech ûn hjar bêd ha ?
  25. Hwerom reint 'et nae twa dagen efterien ?
- 

### A n t w i r d e n.

1. Dy 't earst begjint.
2. De deî fen joed.
3. Pontius Pilatus ; om elts kristen-minske kin him fêst wöl.
4. Alle minsken dy jit libje.
5. As min de riuchter want oan 'e löfster hân döcht.
6. Immen, dy 'n hoed op 'e hölle hawt dy net betelle is.
7. Op 'e töngé.
8. In gat.
9. Oer 'e molk-wei, böppe ûn 'e löft.
10. In 'e tsjerke ; de himmel fen 'e preekstoel.
11. In jins ôlfde jier.
12. Hjar egen hier.
13. Gjin ien fen twaën ; om hjea barne to'nein.
14. Oan 'e midden ta ; om fjirder rint min 'r hwer ta'n uwt.
15. In 'n fôle flesse.
16. Earme ljue ; om dy kryë net jamk gasten.

17. Net ien mear ; hwent as de hoas ouwbreide is, sitte alle mesken 'r oan.
  18. De wjérklank.
  19. 't Earste is *uwtmakke* in 't oare is *innmakke*.
  20. De hönger.
  21. 't Boêk fen de Natûr.
  22. Dat fen Noach.
  23. As in abbekeat him plôket.
  24. Plöm.
  25. Om 't er altid in nacht twiskenbeiden is.
-